De fûgel fan Oegel

N. de Vries van Calsbeek

bron
N. de Vries van Calsbeek, *De fûgel fan Oegel*. Met illustraties van Meinte Walta. Utjowerij Fryslan, Grouw 1968

Zie voor verantwoording: https://www.dbnl.org/tekst/vrie376fuge01_01/colofon.php

Let op: boeken en tijdschriftjaargangen die korter dan 140 jaar geleden verschenen zijn, kunnen auteursrechtelijk beschermd zijn. Welke vormen van gebruik zijn toegestaan voor dit werk of delen ervan, lees je in de gebruiksvoorwaarden.

dbnl digitale bibliotheek voor de Nederlandse letteren



I De frjemde fugel

Op 'e knibbels leit Tseard foar syn kast. Hy moat syn fûgelboek ha! Hy hat it forline jier fan Sinteklaes krige, mar hwer is't nou! As men hwat brûke moat, is't altyd fuort en wei. En hy moat it ha... nou!... fuortdaliks! Hy moat witte hokfoar fûgel yn 'e doaze sit dy't op syn bêd stiet. Hy hat it bist fongen doe't er út skoalle kaem. Nou fongen... dat is't wurd net, de stumper lei foar pampus op 'e dyk en hie him sa pakke litten.

‘Dy libbet net lang mear’, hied er tocht, mar hy koe him dêr ek min stjerre litte. Hy hie de fûgel ûnder 'e jas treaun en wie nei hûs draefd. De waermte hie it dierke grif goed dien, hwant doe't Tseard thús wie, wied er alhiel opfleure. Hy bisocht al wer om stean to gean. Gau hie Tseard him mei nei syn keammerke nommen en dêr hied er him yn in skuondoaze lein. Mar goed dat mem drok mei it iten dwaende wie. Se woe út noch yn gjin bisteguod yn 'e hûs ha, lit stean fan op 'e sliepkeamer.

Hied er dat boek nou mar... dêr steane ommers alle fûgels yn. In gewoanenien is dit net, dat sjocht men sa. 't Is gjin mosk... gjin protter... gjin dou... mar hwat is't wol! Hou, wachtsje ris, hat heit it boek okkerdeis net brûkt doe't er in frjemd fûgeltsje yn 'e tún seach? Ja wis! Stom dat er dêr net earder oan tocht hat.

Rûtsdy!... Tseard fljocht al by de trep del.

‘Hwer sikest om,’ wol mem witte, ‘ik wist net iens datst' al thús wieste.’

‘Hat mem myn fûgelboek ek sjoen? Heit hat it brûkt.’

‘Ja, dat leit op heit syn buro. Hwat moatst witte?’

‘O, neat.’ Tseard is al wer boppe. Mem skodhollet...

dy bern!

Hwer moat er nou sykje? Net by de lytse fûgeltsjes, it bist is wol sa great as in dou. By ‘middelgroot’ fansels. Hokfoar kleur? Hoeden tilt er it lid fan de doaze op, minsken... it bist wurdt hoe langer hoe moaijer. Alle kleuren hat er. Giel en blau op 'e wjukken, read op syn kopke, oranje op 'e sturt, griene poaten... it liket wol in paradysfûgel. Dêr hat master forline wike noch fan forteld.

Mar dat kin net, dy libje hjir net. Of soe dat bist fordwaeld wêze... soed er dochs út in waerm lân komme en is er hjir binei stoarn fan 'e kjeld? Miskien hat in séman him wol meinommen en is it bist út 'e kouwe flein... mar dan hat er ek neat oan dit boek. Dêr steane allinne Nederlânske fûgels yn. Wie heit nou mar thús, dy wit sa'n soad fan fûgels ôf, mar hy is in pear dagen foar de saek op reis. Dan mar nei master, dy hat ek in protte boeken oer fûgels en hwa wit, kin er it sa wol sjen. Mei de doaze ûnder de earm slûpt Tseard by de trep del. As er it súntsjes docht, kin er sûnder dat mem it fornimt, de doar útkomme. Se hat de itenstafel binei ré en dan is er de earste healûre ûnder de pannen. Op syn moaist moat er dan ek noch helpe to tafelôfrêdden en hwannear komt er dan by master! Fan 'e middei is dy miskien fuort, se ha frij, né, it kin net langer wachtsje... dan mem aenst mar lilk, dat bikomt wol wer. Heit is fuort, dat skeelt.

‘Is jimme heit thús?’ freget er Yfke, dy't foar hûs stiet. ‘Ja, dat leau'k al,’ seit se, ‘sjoch mar ris yn 'e tún, hy sil wol by de hinnen wêze.’

‘Soest him net even helje wolle?’

‘Né.’

‘Hwerom net?’

‘Hast sels fuotten. Hwat hast dêr yn dy doaze?’

‘In fûgel.’ O, lokkich, dêr is master!

‘Noch net nei hûs Tseard?’ freget er, ‘aenst bist to let.’ ‘Dat wit ik wol master, mar ik ha sa'n nuvere fûgel foun. Wol master ris sjen?’ Tseard hâldt master de doaze foar.

‘Dat moat hjir mar net,’ seit master laitsjend, ‘aenst fljocht er fuort.’ ‘Hy kin net fleane master, hy is in bytsje siik. Sjoch mar!’ en Tseard tilt it lid fan de doaze. Ja, de fûgel kin net fleane! Dat sjogge se alle trije. It bist sit al yn'e hege beam yn master syn tún. Se kinne nou goed sjen hoe moai as er is. Hy liket wol fan goud. ‘Hwat in pracht bist!’ seit master. ‘Hwer hast dy wei?’ ‘Hy lei op 'e dyk,’ seit Tseard, wilens it gûlen him neijer stiet as it laitsjen, ‘ik tocht dat it in paradysfûgel wie.’ ‘It hat der wol hwat fan, dêr hast gelyk oan, mar dy lizze hjir net sa mar op 'e dyk.’

‘It liket wol in papegaei,’ ornearret Yfke.

‘Hu’, seit Tseard. ‘In papegaei.’ Dat is nou wer echt fammepraet. ‘Soene wy him net wer fange kinne,’ freget er, ‘sil ik ris yn 'e beam klimme?’

‘Ast' boppe bist, is de fûgel al lang earne oars,’ seit master, ‘'t is skande, mar bist him kwyt.’

Lilk smyt Tseard de doaze op 'e groun. ‘Dat kring!’ fûteret er, ‘as ik him net meinommen hie, hied er nou al dea west.’

‘Ja jong, sa is't libben,’ seit master, ‘moatst mar gau

sjen datst thús komste, oars wurde se dêr ûngerêst.'

'Krij ik aenst ek noch op myn kop,' suchtet Tseard, 'dat kin der ek noch wol by.'

Mem stiet al op de stoepe, se sjocht as in tongerwolk.

'Hwer komstou wei? Sa bist yn 'e hûs en sa sjoch ik dy nearne mear. Al't iten is kâld wurden.'

'Ik wie by master. Ik hie sa'n moaije fûgel foun en nou is er fuortflein.' 'Lokkich,' seit mem, 'ik hie him ek net yn 'e hûs ha wollen. Ik bin as de dea foar fûgels. Nou, kom mei dan sil ik it iten foar dy opwaermje.' It smakket Tseard net, mar dat is net mem har skuld. It komt allegear fan dy fûgel. Aenst dochs noch mar ris by master-en-dy sjen. Miskien dat er wer biklomme is en wer delfalt... mar hwêrre?

'Is Tseard yn 'e hûs,' wurdt der by de efterdoar roppen. 'Ik sil wol,' seit mem, 'dou hast dyn brij noch net op.' Even letter komt se mei Yfke yn 'e hûs.

'Moatst fuortdaliks by ús heit komme,' seit Yfke, 'der stiet in advertinsje yn 'e krante oer in fûgel.'

Tseard stiet al, mar mem triuwt him wer op 'e stoel del. 'Earst dyn brij,' seit se, 'dy fûgel fljocht net fuort.'

Se moast alles ris witte.

Mei de lêste hap brij noch yn 'e mûle springt Tseard by Yfke efter op 'e fyts. Syn eigen stiet mei in lekke bân. 'Hwat stiet der yn 'e krante,' freget er Yfke.

'Dat wit ik ek net. Ik moast dy fuort helje, mear woe ús heit net sizze.'

'Sil ik fytse?' It giet Tseard lang net hurd genôch.

Yfke jowt gjin andert, se binne ommers binei thús.

II In senuweftige mem.

Master hâldt Tseard de krante foar. ‘Hjir stiet it,’ wiist er en Tseard lêst:

> Zeldzame vogel weggevlogen.
> Tegen grote beloning terug te bezorgen bij prof. F. Oegel in Nesthuizen.
> Tel. 7788-123.

‘Hwat tochten jimme.’ freget master, ‘soe dat Tseard syn fûgel net wêze?’

‘Grif,’ knikt Tseard, ‘dat moat hast wol. Hat master wol sjoen? “Grote beloning”... miskien wol hûndert goune.’ ‘Eh né, jong,’ seit Yfke, ‘foar in professor is hûndert goune neat. Hiest wol tûzen krige.’ Tseard lûkt oan de skouders. ‘Hwat haw ik der oan,’ suchtet er, ‘hy is fuort.’

‘Wy moatte dochs noch mar ris sykje,’ ornearret master, ‘hoe bist hjir... op 'e fyts?’

‘Né master, by Yfke efterop. Myn fyts hat in lekke bân.’

‘Dan nimst Yfke har fyts mar.’

‘En ik dan?’ wol Yfke witte, ‘mei ik net mei?’

‘Né, hast dyn húswurk noch net ôf. Dat giet foar.’

‘Ik ek net,’ tinkt Tseard, mar hy seit it net. Lokkich dat master *syn* heit net is.

‘Wy moatte de kant fan de bosk mar op,’ wol master ha, ‘fûgels sykje altyd de beammen op.’ Sa sein, sa dien. Alle lju dy't se yn 'e mjitte komme, sjogge om. Master en Tseard... hwer soene dy hinne sette? Dat witte se sels ek net rjocht. De bosk is sa great. Hwer moatte se yn 'e goedichheit bigjinne? Dat bist sit ek net stil.

‘Wy binne hjir nou al,’ seit master, ‘mar ik bin bang dat it neat wurdt. Wy forgrieme ús tiid.’

‘Ja, mar, dy tûzen goune,’ suchtet Tseard, ‘miskien wol tsientûzen.’ ‘Rekkenje dêr mar net op,’ laket master, ‘sokke djûre fûgels bisteane op 'e hiele wrâld net.’

‘Kinne wy dy professor net ris skilje?’ freget Tseard, ‘hy is grif bliid as er heart dat it bist noch libbet. Dat hat er dan dochs mar oan my to tankjen.’

‘It kin ek wêze dat er weromflein is lykas in postdou... ja... hast gelyk... skiljen kin gjin kwea. Jimme ha telefoan net?’

‘Ja,’ knikt Tseard.

Mem sjocht forheard op as Tseard mei master delkomt. Hwat soe dy jonge útspoeke ha. It moat wol slim wêze... ‘Mei ik wol even skilje, frou Anema,’ freget master. Mem wurdt der kjel fan. ‘De plysje dochs net?’

‘Né,’ laket master, ‘sokke great swierrichheden ha wy nou ek wer net. Forhip,’ seit er dan, ‘nou wit ik it nûmer net. De krante leit noch thús. Witstou it Tseard?’ ‘Né master, mar wy ha wol in telefoanboek. Hy wennet yn Nesthuizen.’

‘Witst de namme net mear, tink?’

‘It wie in hiele nuveren, dat wit ik wol.’

‘Miskien stiet er wol by de P fan professor,’ bitinkt master. Mar by de P stiet allinne ‘Ploegsma, smid.’

‘Dan alle nammen mar neigean,’ stelt master út, ‘safolle lju wenje der nou ek wer net.’ En hy lêst: ‘Aukema, Bergsma, Dykema, Dykstra, Elema, Feddema, Haaksma, Meindertsma, Oegel, Ploegsma...’

‘Hou,’ ropt Tseard, ‘Oegel, dat wie it.’

‘Hast gelyk,’ anderet master, ‘Oegel F. professor in de vogelkunde. Dy moat it wêze.’ Hy draeit it nûmer en

wachtet. ‘Hy koe wol net thús wêze,’ seit er, ‘it duorret lang.’ Nei 25 kear skiljen wurdt de telefoan einlings opnommen en master seit: ‘Mei master Hoekstra!... Mei professor Oegel?... Ja?... Moai! Jo hiene in advertinsje yn 'e krante... né... né... ik haw him net mear... né... Tseard hie him... Tseard Anema yn Boskgea... Hwerom ik jo dan skilje?... Ik tocht dat jo dat graech witte woene... hy is fuortflein... O, goed... ja...,’ en master leit de telefoan op 'e heak.

‘Hy komt hjir hinne,’ seit er, ‘hy is alhiel oerstjûr.’

‘In professor by ús? Mei ik ek witte hwat der to rêdden is?’ Mem is ek alhiel fan 't sintrum. As se heart hwat der bard is, seit se: ‘O, dan mei ik de kachel foar wol oansette, ik kin sa'n man hjir dochs net ûntfange. Hwat sizze jo master?’

‘It sit hjir oars noflik,’ is 't andert. ‘en kâld is 't hjir ek net.’ ‘Jamar... in professor.’

‘Is hiel hwat oars as sa'n deagewoane skoalmaster... meitsje mar gjin drokte, frou Anema. In professor is ek mar in minske.’

‘As 't in bist wie, woe ik him ek net yn 'e hûs ha,’ seit mem, ‘minsken, minsken... in professor... ik sil gau thé sette of soe er leaver kofje ha?’

‘Professors priuwe meast net iens hwat se ite of drinke. Jo kinne him wol kâld wetter jaen.’

‘Ha de gek der mar mei,’ fûteret mem, ‘men kriget alle dagen gjin professor op bisite. Wie myn man nou mar thús! Ha wy wol segaren yn 'e hûs, Tseard?’

‘Oars mei er wol in shagje draeije út myn doaske,’ seit master, ‘foar in professor haw ik hiel hwat oer.’

Sa wachtsje se in healûre... trije kertier... mem wurdt hoe langer hoe senuweftiger. De thé is set, de kofje is brún, der stiet in doaske segaren klear en se hat al fiif kear de keamer ôfstoffe...

‘Minske, hâld op,’ ropt master, ‘ik krij der it hinne en wer fan. Ik haw noch leaver in klasse mei tritich ûndogenske bern, as ien sa'n frommis.’

En se wachtsje mar wer.

III Ek in master stroffelet wolris.

Einlings bliuwt der in greate bistelauto foar de doar stean. In man yn pearse jas, mei in greate swarte bril op 't puntsje fan 'e noas, stapt út. Mei greate stappen rint er om 't hûs hinne en ear't mem de foardoar iepenmeitsje kin, komt er al efterom.

‘Professor Oegel,’ seit er, ‘hwer is myn fûgel?’

‘Dat rymt,’ seit master. ‘Jo koene wol in dichter wêze ynsté fan in professor.’

‘Hwer is myn fûgel,’ ropt de professor jitris. Oan praetsjes hat er neat.

‘Wisten wy dat mar. Tseard hat him hawn, mar hy is fuortflein.’

‘Hoe kinne jimme yn 'e goedichheit sa'n djûre fûgel fleane litte,’ en de professor stampt fan lilkens op 'e groun. ‘Witte jimme wol hoefolle sa'n fûgel wurdich is. Der bistiet mar ien fan op 'e hiele wrâld. Nei jierren fan ûndersyk en krusingen haw ik einlings sa'n fûgel kweke en nou is er juster, doe't ik him iten jaen soe, fuortflein.’

‘Hoe kinne jo yn 'e goedichheit sa'n djûre fûgel fleane litte,’ seit master, wilens er nei Tseard knypeaget.

‘Hwer hawwe jimme him it lêst sjoen?’ wol de professor witte, ‘dan bigjinne wy dêr to sykjen.’

‘Kom mar mei, ik sjoch der net folle heil yn, mar jo binne geleard, jo sille it wol better witte.’

De professor start de auto al. ‘Fyts mar fuort,’ ropt er, ‘ik folgje wol.’

‘Wolle jo noch thé... of kofje,’ ropt mem him noch efternei... of in segaer...’

De professor is al withoefier fuort en heart it net mear. By master-en-dy wiist Tseard op de beam. ‘Dêr siet er.’

De professor is drok dwaende in great apparaet út 'e auto to heljen en swit him dea.

‘Hwat soe dat moatte?’ freget Tseard master.

‘Hy wol leau'k de tún sûgje,’ is 't andert en 't is wier, it apparaet hat wol hwat fan in stofsûger. Allinne sit der in greate wizerplaet boppe op. De mesjine bigjint to brommen en to skodzjen en de professor stiet der njonken to skodholjen.

‘Hjir is er net mear,’ seit er.

‘Dat hie ik jo sa ek wol sizze kinnen,’ seit master. ‘Dêr hoech ik gjin mesjine foar.’

‘Hy is dy kant út flein,’ forfettet de professor, as hied er neat heard, ‘en sit twa kilometer fierderop yn in sparrebeam. Dat sjoch ik oan dizze wizer.’ Master seit neat mear.

‘Dy kant út? Dan is er yn de bosk,’ seit Tseard, ‘dêr ha wy niis ek al west.’

‘Stap mar yn,’ hyt de professor, ‘dan ride wy der hinne.’ Yn de bosk hellet er de mesjine wer út 'e auto. ‘Hy sit nou 1½ km dy kant út, op 'e groun,’ fortelt er.

‘Dan it spul mar wer yn 'e auto,’ ropt Tseard. Hy mei wol oer autoriden.

‘Hoe krigest it yn 'e plasse,’ seit de professor, ‘dan jeije wy him ommers fuort! Wy moatte teantsjendewei fierder.’ ‘En dan?’ wol Tseard witte.

‘Dat silst wol sjen. Sjoch, dit fangnet moat al mei,’ en de professor triuwt Tseard in great net yn 'e bannen. De professor earst... sa slûpe se de bosk yn. De professor hat de stofsûger op 't skouder.

‘Moat ik helpe to sjouwen?’ freget master.

‘Né,’ is 't andert, ‘der komme gjin frjemde hannen oan dizze mesjine.’ Master is bliid ta. Sa nou en dan sjocht de professor lilk om. De oaren meitsje tofolle lawaei. Dat er sels ek sa nou en dan op in deade tûke trapet, docht der blykber net ta.

‘Wy binne der sahwat,’ flústeret er, ‘sjogge jimme al hwat?’

‘Ik sjoch sa'n protte,’ seit Tseard, ‘mar jou fûgel net.’ ‘Hwerom sjogge jo net op jou mesjine,’ freget master, ‘oars hiene jo dat ding dêr ek wol stean litte kinnen.’ ‘Ik lit de mesjine net ûnbiheard efter,’ anderet de professor, ‘en ik kin him hjir ek net brûke, hy makket tofolle kabael.’

‘Dan moatte jo dêr ris hwat op útfine,’ wol master ha. De professor sjocht master lytsachtsjend oan. ‘Ik bin professor yn de fûgelkunde,’ seit er, ‘gjin mesjinemakker.’

‘Hwa hat dy mesjine dan makke?’ wol Tseard witte. ‘Myn frou. Dy is professor yn't mesjinemeitsjen. Se hat him juster útfoun.’

‘In gelearde boel dêr by jimmes,’ seit master, ‘hawwe jo ek bern? Ik kin noch wol in pear learlingen brûke.’ ‘Ja,’ is 't andert, ‘mar dy binne fuort nei de H.B.S. gien. Mar, hoe sit it, sille wy wer to fûgelsykjen? Wy forprate ús tiid.’

‘Ik moat myn húswurk ek noch meitsje,’ lit Tseard him ûntfalle. Master laket. ‘Krigest moarn gjin beurt, dat ûnthjit ik dy,’ seit er.

Underwilens is de professor al in hiel ein fierder roun en master en Tseard sette de sokken der yn, teantsjen-

dewei dan fansels.

‘Sssttt,’ warskôget de professor, ‘dêr sit er.’ En ja hear, se sjogge it. De fûgel sit op hwat deade blêdden, it kopke yn 'e fearren.

‘Hwat nou?’ flústeret master.

‘Sssttt,’ seit de professor wer. Master lûkt oan de skouders. Hoe komt er nou to witten hwat de professor wol? Mar dy wiist op 't net en bitsjut har dat it oer de fûgel smiten wurde moat. Fuotsje foar fuotsje komme se neijer. Noch fiif meter... noch fjouwer... noch trije... en... dêr stroffelet master oer in deade beamtûke en leit fortize yn 't net!! Tseard skatteret it út. Dêr ha se master fongen! Mar as er de professor sjocht, hellet er gau syn bûsdoek út 'e bûse en snút syn noas. Dy man knapt aenst noch fan lilkens. It is fansels ek wol spitich... de fûgel is nearne mear to sjen. Hjir hat er sitten... it plakje is noch waerm. Hè... hwat fielt er dêr... in stien? Dan hat dat bist ek net noflik sitten.

Né... 't is gjin stien... it is in aei!! In aei fan 't fûgeltsje? Soe dat kinne? Hwerom net... fûgels lizze aeijen. En dit liket wol fan goud. Moat er dat nou oan de professor jaen? De fûgel is al fan him, mar sa'n aei... is dat sines ek? Sil er it hâlde?... Oars hie it ommers ek wei wurden. Hwat kin it him ek skele... hy stekt it yn 'e bûse...

‘Hé Tseard,’ ropt master, ‘bliuwst dêr sitten?’

‘Né, ik kom.’

IV De greate bileanning.

‘Fiifhûndert meter fierderop moat er op in pealtsje sitte,’ flústeret master. Tseard hat net iens fornommen dat de professor de mesjine wer brûkt hat. Dy syn lilke bui is ek wer bikommen.

Master sjocht de fûgel it earst en hy kloppet de professor op 'e rêch. De mesjine wurdt súntsjes delset en wer bisykje se mei it net tichterby to slûpen.

‘Hast kâlde hannen Tseard?’ flústeret master, ‘meist se beide wol brûke.’ Hy moast ris witte, tinkt Tseard, hwer't ik dy oare hân foar brûke moat. Se binne al tichteby it pealtsje. ‘Ien, twa, trije,’ telt de professor, en dêr fljocht it net oer it fûgeltsje hinne. Se ha him! Se ha him! Se ha him! Fan blidens dounset de professor om it pealtsje. Dan hellet er hoeden it fûgeltsje ûnder it net wei. It bist koe wol bliid wêze dat it wer yn fortroude hannen is, it hâldt him alteast rêstich.

‘Gau nei de auto,’ hyt de professor, ‘nimme jo de mesjine master?’

‘Nou, nou, in hiele ear,’ seit dy, ‘ik wurd der suver eigenwiis fan.’

De weromreis giet gâns flotter as de hinnereis, se kinne mar oanrinne. De professor hellet in greate kouwe út 'e auto en se binne allegearre bliid as er it doarke efter de fûgel ticht docht.

‘Sa,’ seit de professor, ‘dan gean ik mar wer.’

‘Soene jo ús earst net even thúsbringe,’ seit master, ‘dat ha wy wol fortsjinne, tinkt my.’

‘It sil wol net oars kinne,’ is 't andert, ‘ik haw oars mar in bytsje tiid.’

‘En dy greate bileanning, hoe sit dat? Jo hiene soks

dochs yn 'e krante stean. As dizz' jongkeardel der net west hie, hie jou fûgel al dea west.’ De professor hellet syn beurs út 'e bûse.

‘Soe dy man samar tûzen goune yn 'e beurs ha?’ tinkt Tseard. Mar dy dream is gau forflein as de professor him in goune yn 'e hân triuwt. ‘Sa hie'k tocht,’ seit er, ‘kinst hwat snobbersguod keapje.’ Tseard sjocht master oan. Kin dit samar! ‘Ja jong,’ seit dy, ‘kinst der neat oan dwaen. Der binne minsken en minsken.’

‘Stap yn,’ ropt de professor, ‘ik wol avensearje.’

‘Doch gjin muoite,’ ropt master werom, ‘wy rinne wol. Hwat tochtste,’ forfettet er as de professor fuortriden is, ‘dat ik by sa'n man yn 'e auto wol! Dan krûp ik noch leaver nei hûs.’

‘Moat master ris sjen,’ seit Tseard en hâldt him it aei foar, ‘dit hat de fûgel lein.’ Master giet alhiel forbjustere op in kilometerpealtsje sitten. ‘Jonge, jonge,’ seit er, ‘dat is hwat oars as in goune. Hjir kinst jild út meitsje. Hoe hast dat hawn?’ Tseard moat laitsje. ‘Jo tinke dochs net dat ik it lein ha? Ik hoegde it allinne mar yn 'e bûse to stekken.’

‘Kom mei,’ seit master, ‘gau nei hûs. Dat aei moat yn de briedmesjine. Ik haw lokkich sa'n ding op 'e souder stean. Wy sille dy professor wol. Minsken... aenst ha wy ek sa'n fûgel.’

‘Is soks net stellerij?’ wol Tseard witte. Hy fortrout it net alhiel, mar master seit: ‘Stellerij? Wy prate nearne oer. Nimmen moat witte hoe't wy oan dat aei kommen binne. Silstou it sjouwe of moat ik it dwaen.’

‘Ik mar,’ anderet Tseard, ‘as master wer stroffelet...’

‘Jonkje, jonkje, dou moatst leau'k strafwurk ha. Ik mag niet brutaal zijn tegen de meester.’

‘Nee meester,’ seit Tseard, ‘ik zal het niet weer doen.’

Yfke sit al op 'e stoepe to wachtsjen. ‘Ha jimme de fûgel,’ ropt se.

‘Ja,’ knikt Tseard.

‘Ut 'e wei,’ seit master, ‘wy moatte nei de souder.’

‘Om in doaze foar 't jild?’ wol Yfke witte.

‘Helje dan mar in lúsjefersdoaske,’ laket Tseard, ‘dat is great genôch.’

‘Hast in briefke fan tûzen?’

‘Asjeblyft, dou meist de greate bileanning ha. Ik wol dy professor syn jild net,’ en Tseard fljocht by de trep op. ‘Tink om it aei,’ ropt master. Hy is al drok mei de briedmesjine dwaende. Lokkich it ding docht it, de lampen barne al. Hoeden leit master it aei yn 'e mesjine.

‘Hoe lang soe it duorje?’ freget Tseard.

‘Ik wit net,’ anderet master, ‘fan sokke fûgels haw ik gjin forstân. Wy sille ôfwachtsje moatte.’

V Fan in aei, in gatsje en in fugel.

Hwat duorje de dagen nou lang. Moarns by skoalle siket Tseard earst Yfke op. Soe se nijs ha? Mar alle moarnen skodhollet se... noch neat! Fan de bern wurde se omraken pleage. ‘Hast forkearing Tseard jonge?’ freegje se. Of... ‘Fynst Yfke wol leaf,’ en gean samar troch. Se litte de bern prate, se ha wol hwat oars om oer to prakkesearjen. Mem klaget ek. ‘Hwat der mei ús Tseard is,’ seit se gauris tsjin heit, ‘ik mei wolris mei him nei dokter.’ Heit makket him der net drok oer. ‘'t Binne de jierren,’ seit er, ‘it betteret wol wer oer. Lit him mar gewurde.’

Bytiden is Tseard yn steat har alles to sizzen, mar it kin net. Hy hat master ûnthjitten der net oer to praten. ‘As ien it wit, wit nije wike it hiele doarp it,’ seit dy. Earst hat Tseard der wol ris oer yn sitten dat Yfke har forprate sil, mar 't falt ta. It aei leit nou al fiif wike yn 'e briedmesjine en der foroaret neat. It leit dêr mar, dei yn dei út. Men soe der de senuwen fan krije... mar dan, de 41-ste dei... stiet master him moarns op to wachtsjen. ‘Kom mei,’ seit er, ‘der sit in gatsje yn 't aei.’ En ja hear, 't is wier... dochs! O, hoegde er hjoed mar net nei skoalle, der moat dochs immen by it aei bliuwe... mar master skodhollet, né, hjir mei er gjin frij foar jaen. Sels bleau er ek leaver thús. Masters juffer moat ûnthjitte dat se it aei net út it each forlieze sil en dat se fuortdaliks nei skoalle komme sil as der hwat bisûnders bart.

‘Ik fiel my krekt in baekster,’ seit se laitsjend, ‘ik sil myn bêst dwaen om de lytse poppe soun op de wrâld komme to litten.’ Tseard fortrout it mar heal. Hy wit

hoe't syn mem is. Aenst komt der in buorfrou to kofjedrinken en dan forjit juffer it hiele aei. Mar 't sil sa wol moatte...

Master en Tseard komme to let op skoalle. De juf fan de earste klasse docht de doar iepen en seit: ‘Foar straf aenst beide neibliuwe.’ ‘Dat kin net, nou master?’ ropt Tseard. ‘Né, dat kin hjoed net,’ anderet master, ‘letter mar ris juf.’

‘Mei ik dan witte hwat der geande is?’ freget juf.

‘Letter ek mar ris,’ seit master. Juf slacht de doar ticht, lilk! ‘Dat is ien,’ seit master, ‘nou de bern.’ Mei de earms oer inoar sitte se to wachtsjen. Sa stil binne se oars nea, mar der is nou fansels great nijs. It falt tige ôf! ‘Neem de rekenboekjes maar,’ seit master, en of se wolle of net, op de bledkant dêr't se oan ta binne, steane 5 greate breuksommen, dy kinne se mar meitsje.

Tseard kladdet mar hwat del. Master hat wel yn 'e rekken dat it hjoed mei Tseard net folle wurdt, mar hy kin der ynkomme, sels moat er ek iderkear nei bûten sjen, soe de frou der ek oankomme?

Om 12 ûre is 't suver in wedstriid hwa 't earst by master-en-dy's is. Tseard en Yfke winne it, master moat wachtsje oant alle bern út skoalle binne en se skine hjoed allegear lang wurk hawwe to moatten.

‘Kalm mar,’ seit masters juffer, ‘der is noch neat. 't Gatsje is allinne hwat greater wurden.’

‘Hwat hat dat ding lang wurk,’ fûteret Tseard. ‘As ik dy fûgel wie, sette ik ta. Hwat is der nou oan om sa lang om to wrotten.’

‘Alles moat syn tiid ha,’ seit master, ‘gean mar gau nei hûs om iten, namsto gauwer bist hjir wer.’

Hymjend komt Tseard thús. ‘Kinne wy ite!’ ropt er al efter hûs. ‘Jonge, jonge, hwat in haest,’ seit mem, ‘ik woe datst' altyd sa warber wiest. Mar silst wachtsje moatte oant heit thús is.’ Ek dat noch!

‘Mei ik net ite? Ik ha sa'n honger,’ seurt er. Mem fortrout it net rjocht. ‘Moatst earder op skoalle komme?’ freget se, ‘hast strafwurk?’

‘Ja,’ knikt Tseard. As 't helpt wol er der wol foar lige. ‘Siz dat dan,’ seit mem, ‘dan jow ik dy hwat. Kinst master net wachtsje litte. Heit moat mar ris nei him ta... dou hast hwat.’

Tseard jowt gjin andert. Lit heit mar nei master gean, dy seit dochs neat. Yn in omsjoch hat er it iten op. ‘Koest wol sin oan dat strafwurk ha,’ seit mem, ‘dou kinst hurd.’

‘Dou kinst hurd.’ Dat seit master ek. ‘Wy ha it sop noch mar amper op. Mar gean mar nei de souder, dan kinst ús roppe as der hwat foroaret.’ Dat hoecht master gjin twa kear to sizzen. Amper is Tseard boppe of hy ropt al: ‘Master, master... kom gau it fûgeltsje is der!’

Master, Yfke en juffer stouwe de trep op, en hwat sjogge se... Der leit in lyts wiet fûgeltsje yn 'e mesjine njonken in stikkene dop. ‘As dat alles is,’ ornearret Yfke, ‘hwat in raer ding.’

Tseard moat har gelyk jaen, folle moais is der net oan. ‘Wachtsje earst mar ris oant er droech is,’ seit master, ‘dan liket it gâns oars.’

‘Hwat moat er ite,’ freget Yfke, ‘en hoe moatte wy him fuorje?’

Dêr ha se noch net by stil stien.

‘As't femylje fan de hin is, rêdt er him sels,’ seit master, ‘en oars soe ik it net witte. Wy kinne ek min de professor skilje.’

‘Yt jim earst *jim* iten mar op,’ seit masters juffer, ‘it jowt neat as wy hjir allegear steane.’

Froulju binne ek oeral gelyk, tinkt Tseard. It wurk en it iten, oars bistiet der net foar har. Soe Yfke ek sa wurde? 't Sil wol...

VI In hoanne of in nachtegael?

As 't fûgeltsje droech is, liket it al gâns oars. Mar sa moai as syn mem is er lang net. Kleuren hat er net. Al syn fearkes binne giel... gewoan giel... goud is 't net iens. Neffens master binne in protte fûgeltsjes, sa lang se lyts binne, giel, en komme de kleuren letter. Tseard moat it noch sjen.

Ien gelok ha se... it bist yt alles. Fûgelsied... slaed... stikje aei... alles pikt er op. Hy groeit dan ek as koal.

Dan... op in dei... flústeret master Tseard ûnder de ierdrykskundeles yn 't ear: ‘Moatst aenst even komme, ik ha nijs.’

Hwat soe der wêze. Soe't fûgeltsje siik wêze... of dea... né, dan seach master net sa fleurich, mar hwat dan...? ‘Tseard, opletten!’

‘Ja, meester!’ De holle moat der by. Tink ris ta dat er aenst neibliuwe moat... mar, dan moat master sels ek bliuwe. Dat docht er net.

‘Tseard, welke plaats wijs ik aan?’

‘Nesthuizen meester!’ De bern springe de banken binei út. Hwa wit nou net dat dat Amsterdam is. Nesthuizen... ha, ha, ha! En master is net lens lilk. Hy giet gewoan fierder. Nou ja, Tseard is masters pop, dat witte se allegear wol. Healwei fjouweren stiet Yfke al to wachtsjen.

‘Witstou it?’ freget Tseard.

‘Né, heit woe it net earder sizze as datstou der ek by wieste. Kom gau mei, ik bin sa nijsgjirrich.’

‘Oars ik wol,’ tinkt Tseard.

As master thús komt, sitte Tseard en Yfke mei reade hollen by de tafel. Master leit stadich de skriften yn 't finsterbank en smyt syn shagdoaske op 'e tafel.

‘Sa dêr wiene jimme al,’ seit er.

‘Ja,’ knikke se beide en forskikke ris op har stoel. Master bigjint in shagje to draeijen. ‘Toe nou man,’ tinkt Tseard, ‘siz it nou.’ ‘Hast myn floeikes ek sjoen?’ freget master Yfke. Dy lûkt in laedtsje iepen en smyt in pakje op 'e tafel. Dan sit se wer. Master hellet syn portefeuille út 'e bûse. Hwat sil er nou wer? Hy skout Tseard in stikje papier ta en seit: ‘Lês dit ris, ik haw it út in fûgelblêd knipt.’

De hollen deun tsjininoar, sa lêze Yfke en Tseard...

> Grote vogeltentoonstelling op zaterdag 23 november te Nesthuizen. Eerste prijs een fonkelnieuwe personenauto. Inzendingen van bekende vogelkwekers, o.a. prof. Oegel. Komt dit allen zien!!! Inschrijving voor 15 november bij café Borrelsma te Nesthuizen à *f* 2,50.
> Aanvang 10 uur.

‘Sille wy der hinne to sjen,’ seit Yfke, ‘'t is op sneon, dan ha wy dochs frij.’

‘Professor Oegel komt fansels mei syn fûgel,’ seit Tseard.

‘En wy mei uzes,’ seit master.

Tseard en Yfke sjogge him mei greate eagen oan. Dan bigjint Tseard to laitsjen. ‘Mei uzes?’ seit er, ‘nou dan hawwe wy wol kâns. Ik sjoch ús al. En de professor ús útlaitsje. Miskien bringt er us wol yn syn nije auto thús.’ ‘Hou, hou,’ seit master, ‘hwat slachst wer troch, 23 novimber, dat duorret noch 6 wike en yn dy wiken kin der noch hiel hwat foroarje.’

‘Dat mei ek wol,’ is Yfke fan bitinken, ‘nou heit sjout him mar. Ik wol my net deaskamje.’

‘Dat komt wol klear,’ anderet master, ‘ik rêd my der wol mei.’

‘En hwa moat dy auto ha,’ giet Yfke fierder, ‘heit of Tseard?’ ‘Tseard fansels,’ seit master, ‘hy hat it aei foun.’ ‘En jimme ha it wurk der fan hawn,’ ornearret Tseard, ‘sûnder briedmesjine hie 't neat wurden.’ Mar hy sjocht dy auto al by him thús foar de doar stean. Hwat sille heit en mem raer guod spuije en hwat sille se greatsk op him wêze...

‘Hé Tseard, hwer tinkst oan?’ Yfke jowt him in triuw. ‘Tseard wie al út to riden,’ laket master, ‘nou Tseard?’ Tseard kriget in kaem. ‘Nou ja,’ seit er.

‘Hast ek alris tsientûzen goune ha sillen,’ seit Yfke, ‘dat draeide ek op neat út.’

‘Mar dit wurdt al hwat, oars hjit ik net fan Hoekstra,’ ûnthjit master. ‘Ik wol dy professor ien kear to slim ôfwêze. Dy tinkt fansels ek al dat dy auto sines is, mar wy ride der yn nei hûs.’

‘Heit hat net iens in rydbiwiis,’ laket Yfke.

‘Dan helje ik dat noch even,’ seit master, ‘ik jow nearne mear om.’ Dan sjogge se noch even by de fûgel. It bist is sa fleurich as in bij, mar moai... hou mar! Hwat dit wurde moat!

‘Moai is er net,’ seit Yfke, ‘mar sjonge kin er wol. Ik haw him fan 'e moarn heard.’

‘Silst wol dreamd ha,’ seit har heit, ‘sokke lytse fûgeltsjes sjonge noch net.’

‘Miskien hat er hoannebloed,’ laket Tseard, ‘en hat er bisocht om dy wekker to meitsjen.’

‘Leau it dan net,’ seit Yfke hwat pûkelich. En oft it bist

wier meitsje wol hwat Yfke seit, bigjint er to floitsjen... se binne der allegear stil fan, oant Yfke ropt, ‘sjogge jimme wol.’

‘Wy hearre it,’ seit master, ‘t is merakel! Ik leau dat it bist nachtegaelbloed hat. Hwa wit hwat dy professor allegear útspoeke hat.’

‘Wy kinne noch hwat bilibje,’ suchtet Tseard en se binne it allegear mei de âld man iens.

VII De biferzen fugel.

De 15e novimber skillet master kafé Borrelsma. Tseard en Yfke fine it gekkewurk, mar master set troch. Masters juffer is it ek lang net mei har man iens.

‘Ik ha dy oare fûgel net sjoen,’ seit se, ‘mar as er sa moai is as jimme sizze, kinne jimme mei dizze wol thús bliuwe. In gewoane brune fûgel is 't, oars net.’

En se hat gelyk. De fûgel is fan giel, brún wurden mar dêr bliuwt it by. Hy kin omraken sjonge, mar dat is ek it iennichste. Master steurt him nearne oan.

‘Ik woe wol in fûgel oanjaen foar de totoanstelling,’ seit er yn de telefoansel fan Boskgea.

‘Yn hokfoar klasse wolle jo meidwaen?’ wurdt der frege. ‘Yn de heechste,’ anderet master.

‘Ja, mar dat bidoel ik net,’ seit de man oan de oare kant, ‘is 't in dou of in hin.’

‘Hy moat ynskreaun wurde yn deselde klasse as de fûgel fan Oegel.’

‘Dat kin net. Fan dat soarte bistiet mar ien.’

‘Twa,’ anderet master.

‘Jo moatte it sels witte, mar dan hawwe jo gjin kâns in priis to winnen.’ ‘Dat binne myn saken. By professor Oegel sines en oars mar net.’ Master wurdt suver in bytsje koart.

‘Goed dan, sa't jo wolle. Hoe is de namme?’

‘De fûgel wurdt ynstjûrd troch Tseard Anema út Boskgea.’ ‘Ek dat noch’, seit Tseard tsjin Yfke, ‘aenst sette se noch yn 'e krante hokfoar flater ik slein ha.’ Klets! Master slacht de doar fan de telefoansel ticht. ‘Hwat tinke dy lju wol,’ fûteret er, ‘dat ik mei in hin oansetten kom!’ Dat hie gau sa goed west, tinkt Tseard, mar hy

seit mar neat. Master mocht ris lilk wurde.

‘Ik bleau like leaf thús,’ flústeret Yfke en Tseard is it al wer mei har iens. ‘Sneon om acht ûre mei dyn fyts by ús wêze,’ hyt master Tseard, ‘siz thús mar dat wy in ekskursje ha.’

‘As ús heit dan mar net mei wol,’ seit Tseard, ‘sneons hat er frij.’

‘Wy wolle him net mei ha,’ laket master, ‘siz mar dat wy in hiel ein fytse moatte.’ Hy wit wol dat Tseard syn heit it mier oan fytsen hat.

‘Dou kinst wol by master-en-dy yn 'e kost,’ seit mem as Tseard thúskomt, ‘bist dêr mear as hjirre. Hwat moatst der altyd.’

‘O, neat... boartsje.’

‘Mei Yfke?’ Tseard kriget in kaem. Mem ek mei har geseur. ‘Ik mei it mar min lije,’ giet se fierder, ‘hast noch wol maten? Ik sjoch Durk en Klaes hjir nea mear.’

‘Nije wike sil ik se wer freegje,’ ûnthjit Tseard har.

Sneontomoarn acht ûre! Tseard stiet mei syn fyts by master foar hûs. ‘Kom hjir mar even,’ ropt masters juffer, ‘master is noch boppe.’ Yfke sit noch to iten. ‘Hwat heit útspoeket,’ seit se, ‘hy hat justerjoun de hiele joun mei de fûgel dwaende west. Nimmen mocht op 'e souder komme... mem ek net.’

‘Ha jimme al in kouwe?’ wol Tseard witte. De fûgel hat de lêste wiken yn in hok op 'e souder sitten, mar dat is sa great, dat kin net efter op 'e fyts.’

‘Ja’ anderet Yfke, ‘fan ús beppe. Dy hie der eartiids in kanarje yn.’

‘Hoe fier bist,’ ropt masters juffer nei boppen.

‘Ik kom,’ is 't andert.

In greate doek oer de kouwe, sa komt master by de trep del. ‘Hwerom sit dy doek der oer?’ freget Yfke.

‘Foar de kjeld,’ is 't andert, ‘ik wol net mei in biferzen fûgel oansetten komme.’ ‘Dan hiene wy alteast hwat bisûnders,’ seit Tseard, ‘dêr komt eltsenien net mei.’ Master jowt gjin andert mar hy sjocht... oft er de auto al woun hat. Tseard kin der net by... nou ja ... master syn namme komt skielk net yn 'e krante...

‘Hé, Tseard... giest ek mei?’ Master en Yfke steane al klear. ‘Leaver net,’ tinkt er. ‘Ja... ik kom!’ ropt er. Master hat de kouwe efter op 'e fyts en floitet it heechste liet. Tseard en Yfke sjonge de wurden mei en in fleurich ploechje komt sa by kafé Borrelsma.

‘Hwer moatte wy wêze,’ freget master de kastlein.

‘Komme jo foar de fûgeltotoanstelling?’

‘Ja, hwat tochten jo dan dat hjir yn sit,’ en master wiist op de kouwe, ‘in oaljefant?’

‘Dat kin ik sa net sjen,’ is 't andert, ‘mar jo moatte boppe wêze.’

Op de boppeseal fan kafé Borrelsma is 't in drokte fan komsa. Hinnen, douwen, papegaeijen, kanarjes... en minsken.

‘Sjochst de professor ek?’ freget Yfke Tseard. Dy skodhollet. ‘Hy sil wol let komme,’ seit er, ‘deftige lju binne ornaris let.’ ‘Dêrom binne wy ek sa op 'e tiid,’ seit master. ‘Kom mar mei, ik leau dat de jury dêr sit,’ en hy set op in greate tafel ta dêr't fiif manlju wichtich sitte to dwaen.

‘Moatte wy hjir wêze,’ freget master jitris, ‘ik ha hjir

de fûgel fan Tseard Anema.’

‘Jo kinne him wol earne delsette,’ seit ien fan de manlju, ‘dan wurde jo aenst wol oproppen.’

‘Lit de doek der noch mar hwat oer,’ ornearret Yfke, ‘it siicht hjir.’ Master glimket. Hy hat wol yn 'e rekken hwerom Yfke dat seit. Yn har eagen kin de fûgel gjin bisjen lije.

‘Hoe let is 't?’ freget Tseard. ‘Kertier foar tsienen,’ anderet master, ‘de professor moat nou ek hast komme.’ Hy hat de wurden noch mar amper sein of de professor stiet yn de doar. Yn syn hân de kouwe mei de fûgel en efter him syn frou en bern.

‘Oooooh,’ sizze de lju as se de fûgel sjogge.

‘Oooooh,’ sizze Yfke en Tseard ek.

‘In nije hin,’ ropt in lyts jonkje.

Master seit neat... hy glimket.

VIII Sjong en win in auto.

‘Hwer stiet myn taffeltsje,’ ropt de professor, ‘jimme soene in apart taffeltsje foar my delsette.’ It wurdt al brocht. Mei fiif stuollen foar de femylje Oegel.

‘Dan kinne wy nou los,’ ropt de foarsitter, wilens er mei in greate hammer op 'e tafel slacht. ‘Wy sette út ein mei de douwen.’

Stik foar stik wurde de douwen bisjoen en bitaest. De jury hat it tige drok. De dou fan Bouke Abma út Nesthuzen kriget de earste priis - 127 punten. Dan komme de hinnen oan bar. As de kanarjes en papegaeijen ek west ha, stiet de dou fan Abma noch op 't foarste plak. De hear Abma makket him net bliid... de auto wint er dochs net, op syn heechst in medalje.

‘Nou woene wy graech de fûgel fan de hear... o... pp... pardon... fan de “weledele” hear Oegel hjir ha,’ stammeret de foarsitter, ‘of moatte wy by jo komme...’ Professor Oegel stiet al foar de jurytafel.

It duorret wol in healûre. De minsken wurde ûnrestich, se wolle nei hûs... 't is itenstiid... en der is foar har dochs gjin auto to winnen.

Einlings giet de foarsitter oerein, brimt trije kear, slacht seis kear mei de hammer op 'e tafel en ropt: ‘Stilte!’ Dan giet er fierder: ‘Hjirby haw ik de greate eare de earste priis fan dizze totoanstelling ta to kennen oan... ‘Hou,’ ropt master ‘wy binne der ek noch!’

De lju witte net, hoe't se it ha. Hwat wol dat mantsje... As der ien bigjint to laitsjen duorret it net lang of de hiele seale skatteret it út. ‘Hahaha... dy man tinkt dat er moaijer fûgel hat as professor Oegel.’ Master seit neat. Mei de kouwe yn 'e hân set er nei de jurytafel ta.

‘Asjeblyft,’ seit er, ‘de fûgel fan Tseard Anema út Boskgea.’ ‘Och heden,’ komt de professor, ‘ha wy jo hjir ek? Ik wist net dat jo hinnefokker wiene.’

Tseard wurdt lilk. ‘’t Is gjin hin’, ropt er. Hwat tinkt dy professor wol. Al is har fûgel dan op gjin stikken nei sa moai as de professor sines, in hin is 't net.

‘Ik woe graech witte hoefolle punten myn fûgel hat,’ giet de professor fierder. Hy is master al forgetten.

‘Twahûndertfiifentritich,’ is 't andert fan de foarsitter, ‘en tige lokwinske mei dit resultaet. Safolle punten hat in fûgel noch nea helle en sil nei myn tinken ek nea ien helje.’ ‘Dêr tink ik oars oer,’ oppenearret master him en lûkt de doek fan de kouwe!... Stilte!... Wol in kertier! Dan stammeret de professor: ‘Hwer ha jimme dy wei?’ Hy is like read as de bûsdoek, dêr't de foarsitter him it swit mei fan de foarholle faget.

Tseard en Yfke witte net hoe't se it ha... is dit har fûgel?... Dat kin net!... It bist is like moai as de professor sines. Read, blau, giel, oranje, goud, sulver... en gean samar troch, alle kleuren hat er... Hoe kin dit? ‘Soene jim dizze fûgel efkes karre wolle,’ freget master, ‘wy wolle aenst ek wer ris nei hûs.’

Mei reade hollen giet de jury wer oan't wurk. It swit stiet Tseard yn 'e hannen... Soene se dochs de auto winne...?

Einlings giet de foarsitter wer stean. Folle seit er net. Allinne: ‘De fûgel fan Tseard Anema - twahûndertfjouwerentritich punten.’ Nou wurdt master lilk. ‘Dit giet net earlik om en ta,’ ropt er, ‘uzes is like moai as dy fan Oegel.’

‘De jury bislist,’ seit de professor, ‘it spyt my foar jo, mar ik haw de auto.’

‘Mar sjoch dan,’ ropt master, ‘minsken, sjoch dan... uzes is neat minder... sjoch dan.’

‘It skeelt ek mar ien punt,’ seit de foarsitter.

‘En de auto!... Sjoch nou ris... is dat bist fan de professor...’

‘Dat bist?!?!’ De professor wurdt pears fan lilkens. ‘Witte jo wol hoefolle dy fûgel kostet?’

‘Likefolle as uzes,’ anderet master. Aenst bigjinne se noch to fjochtsjen, tinkt Tseard. De foarsitter hammeret de tafel binei yninoar. ‘Stilte!... Mei ik efkes stilte!... Asjeblyft!! fiif menuten mar!... It oardiel fan de jury stiet fêst... earste priis - professor Oegel mei lof fan de jury. Twadde priis - Tseard Anema...’

‘De lof meije jimme hâlde,’ ropt master, ‘yt dy snein mar op. Kom mei jonges... wy geane nei hûs... en komme hjir nea wer.’ O, hwat is dy man lilk... de lju binne der stil fan. En dan... as hie de fûgel der op wachte... bigjint er to sjongen... to sjongen... in nachtegael allyk. Sels de oare fûgels binne der stil fan. As er einlings nei in hege triller ophâldt, wiist de foarsitter alhiel forbjustere op de fûgel fan professor Oegel en freget: ‘Kin dy fan jo dat ek?’

De professor skodhollet.

‘Dan moatte wy hjir nochris 50 ekstra punten foar takenne. It totael fan de fûgel fan Tseard Anema komt dus op...’ ‘Twahûndertenfjouwerentachtich,’ ropt Tseard. ‘En de auto,’ ropt Yfke.

‘En de lof fan de jury,’ ropt master.

N. de Vries van Calsbeek, *De fûgel fan Oegel*

De fûgel sliept. Hy hat syn wurk dien.

Professor Oegel set sûnder dei to sizzen ôf. Mei syn fûgel, syn frou en syn bern. Nimmen lit him út.

Fan de foarsitter krije master-en-dy de kaikes fan de auto. ‘Jimme kinne him yn de garaezje helje,’ seit er. Master fûstket freonlik mei de jury en ek Tseard en Yfke jowe in hân. ‘Dizz' jongkeardel hat de auto woun,’ seit master en triuwt Tseard nei foaren. Alle lju hantsjeklappe en sjonge: ‘Lang zal hij leven.’ Tseard wit net hoe't er it hat.

Op 'e gong is 't earste hwat Yfke freget: ‘Hoe kaem ús fûgel sa moai?’

‘Sstt,’ flústeret master, ‘dat fortel ik jimme aenst wol. Earst krije jimme noch in fleske prik fan my.’ ‘Twa prik en in pilske,’ seit er tsjin de kastlein, ‘en ik woe graech even skilje.’ ‘Hwer hinne,’ wol Yfke witte. ‘Nei Futsje finne,’ is 't andert. Mear komme se net to hearren.

‘Sa,’ seit master efkes letter as er út de telefoansel fan kafé Borrelsma komt, ‘dat is dat! De frachtrider hellet ús fytsen aenst op.’

‘En wy dan?’ freegje Yfke en Tseard tagelyk.

‘Wy ride yn Tseard syn auto nei hûs.’

‘Heit moat net sa flau dwaen,’ akselet Yfke tsjin, ‘heit kin net iens ride.’ ‘Dêr wurdt foar soarge,’ laket master, ‘wachtsje mar ôf.’

As de kastlein der efkes út giet, freget Tseard gau: ‘Hat master de fûgel opferve?’ Master moat laitsje. ‘Dou hast it troch,’ seit er, ‘ik ha juster de hiele joun mei him dwaende west. Is er net moai wurden?’

‘Wie heit net bang dat de jury it sjen soe?’ freget Yfke.

‘De jury? Dy wie sa yn 'e beane troch de fûgel fan Oegel... dy seach neat mear.’

‘Ja, mar dat wist heit fan tofoaren net.’

‘Men moat ek hwat aventûrje yn 't libben,’ wol master ha, ‘oars wurdt it forfelend.’

‘Mar 't is gemien,’ hâldt Yfke fol.

‘Bring de kaikes dan mar nei de professor,’ seit master en leit se foar Yfke op 'e tafel del.

‘Né,’ ropt Tseard, ‘dan hied er my dy “grote beloning” mar jaen moatten.’

‘Sa tink ik der ek oer,’ seit master en yt noch in broadtsje op.

IX In auto partsje?

Dan giet de doar iepen en hwa steane dêr?... Heit en mem Anema, mei masters juffer.

‘Dêr wiene wy al,’ seit Anema, ‘man, hwat hawwe jo ús kjel makke. Fuortdaliks mei in taksy nei Nesthuzen komme... ik tocht dat der hwat bard wie.’

‘Ik sei jo dochs al, dat der neat gjin slims wie,’ seit masters juffer.

‘Mar mear wisten jo ek net.’

‘Ik mocht net mear sizze.’

‘Mar hwat is der dan? Jo hawwe ús dochs net om 'e nocht hjir komme litten.’

‘Ik haw in auto woun,’ raest Tseard nou, hy kin it net langer stil hâlde. Mem falt op de earste de bêste stoel del. ‘Hwat seit dy jonge?’ freget se heit.

‘Ik ha 't net rjocht forstien,’ seit dy. ‘Hy seit dat hy in auto woun hat, mar dêr sil ik wol mis mei wêze.’

‘Né,’ raest Tseard wer, ‘hjir binne de kaikes.’

Dan fortelt master alles. Fan de professor, fan it aei en fan de fûgel, dy't sa moai wurden is. Heit en mem binne der stil fan. Dan seit mem: ‘En wy tochten dat dy jonge siik wie... en ik mar op him fûterje... o, as ik dit witten hie...’

‘Hwer stiet de auto,’ freget heit, ‘ik moat him earst sjen, ear't ik it leau.’

En hy kin it leauwe, hwant de auto is in mearke. Read mei in swart dak en wite tsjillen. Tseard stompt master oan. ‘Hy koe wol opferve wêze,’ flústeret er. Master anderet net, sa moat er laitsje. Heit efter it stjûr, sa ride se nei Boskgea. Dêr is it nijs al gau de buorren oer: ‘Tseard Anema hat in auto woun.’ En dy't it net leaut,

rint of fytst mar nei it hûs fan de Anema's en kin dan de auto mei eigen eagen sjen. Heit wriuwt der al wakker mei in doek op om, mem is mei de ruten dwaende. Tseard is der suver hwat mei oan. Hy hat de auto, mar master hat neat.

‘Heit?’ freget er, en as dy it net heart, nochris: ‘Heit.’

‘Ja.’ ‘Hoe moat it nou mei master.’

‘Hoe sa?’ ‘Nou... mei de auto. As master der net west hie, hiene wy nou dy auto net. Dan hie ik it aei miskien wol útblaesd.’ Heit moat hjir even oer neitinke. Dan seit er: ‘Dou hast gelyk, wy ha leau'k net botte fatsoenlik west. Master moat syn part ek ha.’

‘Mar hwat wolst dan,’ freget mem, ‘wy kinne de auto min partsje en sinten ha wy net.’

‘Kom mei,’ seit heit en triuwt Tseard yn 'e auto, ‘wy sille der fuort hinne. Dit is my goed yn 'e wei.’

Master is yn de tún dwaende. ‘Sa,’ seit er, ‘sille jim noch in eintsje om?’ ‘Né,’ anderet heit, ‘ik woe wol even mei jo prate.’ ‘Dat kin. Kom mar fierder. Tseard gean dou mar nei Yfke. Dy makket yn 'e koken de fûgel skjin.’ En wilens heit mei master praet, hawwe Tseard en Yfke wol wurk om de fûgel skjin to krijen. Hielendal krije se de ferve der net ôf, mar dat slyt wol mei de tiid, neffens Yfke.

‘Hwat sille wy nou mei dy fûgel?’ freget Tseard. Yfke wit it net. ‘Wy hâlde him fansels,’ seit se, ‘of eins moatstou him ha, it is dines.’ ‘Wy ha de auto ek al...’ ‘Miskien winne wy der noch wolris in auto mei,’ laket Yfke, ‘dan is dy foar ús.’

Dan giet de skille fan de foardoar. Yfke makket de doar

iepen. Op 'e stoepe stiet in man mei in aktetas yn 'e hân. ‘Middei,’ seit er, ‘bin ik hjir by master Hoekstra?’

‘Ja,’ knikt Yfke.

‘Frou Anema hat my hjir hinne stjûrd,’ giet de man fierder, ‘ik woe graech efkes mei Tseard Anema prate.’ ‘Tseard!’ ropt Yfke, ‘hjir is in man... eh... in minhear foar dy.’

‘Foar my?’ Tseard sjocht de man forheard oan.

‘Ja, ik kom fan de Ljouwerter krante. Ik woe graech hwat bisûnderheden oer jou fûgel.’

‘O!’ Tseard dijt út. Dy man seit ‘jo’ tsjin him.

‘Jo hawwe dochs in auto woun!’

‘Ja minhear.’

‘Hoe binne jo oan dy fûgel kommen. Hwer komt er wei?’ ‘Ut in aei, minhear.’

‘Ja dat bigryp ik,’ seit de man, ‘oars wie it gjin fûgel. Hoe hyt er eins?’ ‘Fûgel minhear.’

‘Ja... mar hwat foar soarte is't.’ Tseard is der mei oan. ‘Heit!’ ropt Yfke, ‘kom hjir ris.’

As master heart hwa't der is, moat de man der ynkomme. ‘Fan dy jonge wurd ik net folle wizer,’ seit er, ‘miskien dat jo my helpe kinne.’

‘Ik sil myn bêst dwaen.’

‘Dan soe ik yn't foarste plak graech witte wolle, hwer't dizze fûgel wei komt.’

‘Ut in aei,’ anderet master.

De man wurdt lilk. ‘As jimme my hjir foar 't soaltsje ha bin ik gau fuort. Ik sit hjir ek foar myn brea.’

‘Dat is alhiel myn bidoeling net, mar ik kin jo net mear sizze. Dat is ús geheim. Miskien dat professor Oegel jo

mear fortelle kin.'

'Dy hat my hjir hinne stjûrd. Hy is tige binijd hoe't jo oan sa'n fûgel komme.'

'En nou moasten jo dat even útfiskje. Sit de saek sa.' 'Ik freegje it foar myn krante, net foar de professor.'

'Mar dy kin it dan lêze.'

'Ja, fansels. Hoe sit it, wolle jo my hwat fortelle, oars gean ik wer fuort.'

'It spyt my foar jo,' seit master, 'mar wy kinne jo *nóu* noch neat sizze. As jo my jou adres jowe, krije jo de bisûnderheden fan my, sa gau as ik se frij jaen mei.' 'Jo geane net nei in oare krante?'

'Dat ûnthjit ik jo.'

'Dan is dat ôfpraet. Ik hoopje dat ik gau hwat fan jo hear. De professor hat myn adres wol.'

Master lit de man út.

'Mar goed dat der gjin fotograef by wie,' seit heit, 'dat hie ek nuver foar de hearen kommen.'

'Wy binne noch net op de ein moat jimme mar tinke,' suchtet master, 'dit is it bigjin noch mar.'

X Tseard fangt binei in dief.

Thús heart Tseard hwat heit en master bipraet ha. Se sille de auto forkeapje - skande, mar it kin net oars - en fan it jild krije Yfke en Tseard beide de helte op har sparbankboekje. Moarn sille se earst noch in ein út to riden, mar moandei sil heit de auto nei de garaezje bringe. It bigreatet har allegear, mar noch heit, noch master fortsjinnet safolle dat er der in auto op nei hâlde kin.

‘En as jimme trouwe, is't jild wer byinoar,’ seit heit.

‘Heit is net wiis,’ anderet Tseard, ‘ik trou net.’

‘Gean mar gau op bêd,’ trunet mem, ‘moarn hast wer in drokke dei.’ Hoe drok wit se nou noch net.

Nachts wurdt Tseard kjel wekker. Hy dreamt krekt dat er boppe op 'e jurytafel stiet, mei yn eltse hân in fûgel en in great segaer yn 'e mûle, as er immen yn syn sliepkeammerke heart. Deastil bliuwt er lizzen... Hy doar binei net to sykheljen. Soed er nou kidnapt wurde? Tinkt dy man dat heit en mem ryk binne nou't se in auto ha? Hoefolle los jild soene se bitelje moatte? Sil er skreauwe...? Né, dan stekt dy man him miskien dea mei in mes. Hoeden lûkt er it lekken oer de holle. Se moatte him net sjen... lokkich dat de gerdinen ticht binne... it is roettsjuster yn syn sliepkeammerke. Hwat soe dy dief wolle... de auto net, dy stiet bûten... wachtris... de kaikes!! Oars kin er de auto ommers net op gong krije. Nou, lit him dan mar sykje, hjir fynt er se net. Heit hat se yn 'e bûse. Hè... hy heart neat mear... soe de dief fuort wêze? Mei ien each kipet Tseard om in hoekje... seach er mar hwat... wachtsje... hy lûkt it ljocht op... dan sjocht dy man wol dat er fuort komt.

Ien... twa... trije... it ljocht barnt, mar der is gjin dief to sjen. Yn in omsjoch is Tseard fan 't bêd ôf en draeft op bleate fuotten nei de sliepkeamer fan heit en mem.

‘Heit!... Mem!... Dieven!’

‘Hè? Hwatte?’ Heit en mem sitte beide al.

‘Hwat seist dêr?’

‘Der wie in dief yn myn sliepkeamer.’

‘Och dy jonge hat dreamd,’ seit mem, ‘sjoch mar gau datst' wer yn 'e sliep rekkest. 't Is der hjoed grif to bot op oan kommen.’

‘It is echt wier... ik ha him sels sjoen.’

‘Hoe seach er der dan út?’ wol heit witte en glimket wilens nei mem.

‘Dat wit ik net, mar ik hearde him.’

‘Kom,’ seit heit, ‘ik sil dy wer ûnder de tekkens stopje.’ Se leauwe it net!! Nou dan net! As de auto moarn fuort is, is it har eigen skuld, hy hat se warskôge. Hy sil dy dief sels wol fange... nou ja...

‘Wol heit even ûnder myn bêd sjen?’ freget er sunich. ‘Jawis wol, greate held.’ Heit giet op 'e knibbels lizzen, kipet ûnder it bêd en seit: ‘Gjin dief to sjen, net iens in hiele lytsen. Sliep mar gau wer! Ik helje noch even in stik koeke... ik haw hûnger.’

Heit is noch mar amper ûnder of hy ropt: ‘Mem! Tseard! Kom hjir ris!!!’ En hwat sjogge se... in keamer dy't bisiedde leit mei guod dat oars yn 'e kasten stiet. Boeken, papieren, reaven jern... ja sels it koekjestrompke stiet iepen op 'e flier.

‘Dan hat der dochs in dief west,’ seit heit.

‘Dat sei ik al,’ anderet Tseard en hy mei dy dief suver in bytsje lije. As dy hjir net sa'n rommel makke hie, hiene heit en mem him nea leaud.

‘Ik skilje de plysje,’ seit heit.

‘Leit myn beurs noch wol yn 't laedtsje?’ freget mem, ‘der siet noch wol tsien goune yn.’ De beurs leit der net mear. Se fine him efkes letter ûnder de tafel. It jild sit der noch yn. It hat de dief net om sinten to dwaen west... mar hwerom al?

Heit hat wilens plysje Pakstra skille. Dy sil fuort komme. Yn de tsien jier dat er yn Boskgea wennet, is dit de earste kear dat er by nacht fan 't bêd ôf helle wurdt.

Der wurdt op it rút kloppe. ‘Pakstra al,’ seit heit, ‘dat is gau.’ It is master.

‘Ik hearde fan Pakstra dat de dief hjir ek west hat,’ seit er. ‘By master dan ek?’ freget Tseard.

‘Ja, wy sitte yn deselde rommel. Ik bin fuort nei Pakstra gien en dêr hearde ik dat jo ek skille hiene. Hwer soed er noch mear west ha?’

‘Misse jimme ek hwat?’ wol mem witte.

‘By myn witten net.’

‘De kaikes!’ ropt Tseard. ‘Hat heit de kaikes noch wol?’ ‘De auto stiet der noch,’ seit master, ‘oars moat ik my al raer forsjoen ha. Mar ik gean wer... de frou en Yfke wiene der al op tsjin dat ik fuort gie... mar ik moast dochs Pakstra warskôgje. Nou it bêste, ik hear it lêste nijs aenst wol fan Pakstra,’ en fuort is master.

Efkes letter komt plysje Pakstra slop fan laitsjen de keamer yn. ‘Dêr hie ik master al by de jas,’ seit er, ‘ik tocht dat ik de dief hie.’

Nei 't er alles goed yn him opnommen en it wichtichste opskreaun hat, seit er: ‘Dan moat ik earst mar ris by master Hoekstra sjen. Dêr sille se ek wol sitte to wachtsjen.’ ‘Mei ik mei?’ freget Tseard.

‘Bist net wiis,’ seit mem, ‘witst wol hoe let it is? Fiif ûre.’ ‘Ik kin dochs net mear sliepe.’

‘Om my mei er mei,’ seit Pakstra. Tseard sjocht heit oan. Hwat seit dy. Heit knikt: ‘Toe dan mar, ik hie sels ek wol sin om mei.’

‘Né,’ ropt mem, ‘litst my hjir net allinne. As dy dief wer komt!’ Gau lûkt Tseard de klean oan. It sit allegear bryk en nuver mar dat is neat net slim, 't is nacht. De femylje Hoekstra is drok dwaende it spul wer toplak to setten. ‘Ik hie oars earst al efkes sjen moatten,’ seit Pakstra, ‘mar ja, nou't jimme neat misse...’

‘Nimme jo gjin fingerôfdrukken?’ freget Yfke.

‘Né,’ is 't andert, ‘ik soe net witte hokfoar finger ik nimme moat. Dy man hat tsien en miskien hat er ek wol wanten oan hawn.’

‘Hwat soe dy man socht ha,’ prakkesearret master.

‘Hwat hawwe wy dat jimme ek ha kinne.’

‘De fûgel!’ ropt Tseard.

‘De fûgel! Fansels!!’ ropt master.

‘Dat tocht ik ek al,’ seit Pakstra. ‘De fûgel!’

‘Mar dy stiet hjir,’ seit Yfke. ‘Hwerom hawwe se him dan net meinommen?’

‘Se ha fansels net sjoen, dat er dat is,’ ornearret master. Mear seit er net, mar se bigripe it allegear wol. Nimmen kin sjen, dat dit de moaije fûgel fan de totoanstelling is. Pakstra snapt it rjochte der net fan, mar dat wol er net

heal wêze. ‘Dus, de fûgel,’ seit er en skriuwt it yn syn boekje. ‘Hwa hat bilang by de fûgel.’

‘De professor,’ roppe master en Tseard tagelyk.

‘De professor,’ skriuwt Pakstra. ‘Hokfoar professor?’ ‘Professor Oegel, de fûgelkweker,’ anderet master.

‘Tinke jimme dat dy de fûgel ha wol?’

‘Grif.’

‘Dan sille wy moarn, né hjoed syn aliby ris neigean,’ seit Pakstra wichtich. ‘Dit moat útsocht wurde.’

‘Wy soene hjoed dochs út to riden,’ fortelt master, ‘as wy jo bygelyks yn Nesthuzen bringe moatte?’

‘Dat is gau sa goed as fytse, sille wy dat dan mar ôfprate?’ ‘’t Is ôfpraet,’ seit master, ‘om tsien ûre steane wy by jo foar de doar.’

‘Dat duorret noch 4 ûren,’ suchtet Tseard, ‘hwat moat ik sa lang.’ ‘Dy better oanklaeije,’ laket Yfke.

XI Yn 'e efterfolging.

Tseard tusken heit en master op de foarbank en Yfke by Pakstra op 'e knibbel, tusken de beide memmen op 'e efterbank, sa sette se om goed tsien ûre ôf.

De memmen reitsje net útpraet oer hwat der dy nachts bard is, de iene hat it al slimmer as de oare.

Kertier foar alven steane se by de femylje Oegel foar hûs. De gerdinen binne allegearre noch ticht.

‘Dat wol ik wol leauwe,’ seit master, ‘as men by nacht yn 'e baen is, wol it by dei wol sliepe.’

Pakstra skillet oan. Nimmen docht iepen. Nochris skilje. Wer neat. Einlings, nei 't Pakstra fiif menuten de tomme op 'e skille hâlden hat, wurdt boppe in gerdyntsje fan siden skoud. In holle mei in wyld bosk hier kipet om in hoekje. 't Is de professor net, mar hwa wol? Pakstra bitsjut de man dat de doar iepen moat... it gerdyntsje giet wer ticht. Wer wachtsje... mar einlings wurdt de doar dan dochs iepen dien. In frjemde man stiet op 'e drompel. ‘Hwat moatte jimme.’ freget er net botte fatsoenlik. ‘Ik woe wol even mei professor Oegel prate,’ seit Pakstra. ‘Dy is der net.’

‘Mei ik ek witte hwer't hy al is?’

‘Op reis.’

‘Sûnt hwannear?’

‘Sûnt fan 'e moarn.’

‘Kin ik dan mefrou Oegel efkes sprekke?’

‘Dy is ek mei en de bern ek.’

‘Kinne jo ek sizze oft de professor fannacht fuort west hat?’

‘Né.’

‘Hawwe jo fannacht thús west?’

‘Ja.’

‘Hwa binne jo as ik freegje mei?’

‘De assistint fan de professor.’

Pakstra is der mei oan. Hwat kin er fierder dwaen.

Dan ropt Tseard: ‘Der is noch immen yn 'e hûs!’ En ja hear, boppe wurdt hastich in gerdyntsje ticht skoud.

‘Hwa is hjir mear yn 'e hûs?’ freget Pakstra strang.

‘Nimmen. Ik bin allinne.’

‘Hwa is dêr dan boppe?’

‘De kat tink.’

‘Dan moat ik dat mar ris even ûndersykje. Asjeblyft!... de plysje!’ en Pakstra lit syn kaert sjen.

‘Hawwe jo in bifel ta hússiking?’

‘Ja wis,’ swetst Pakstra.

‘Mei ik dat dan even sjen?’

‘Ik sil it út 'e auto helje.’ By de auto seit er: ‘Ik kom der net yn. Ik swetste wol dat ik sa'n bifel hie, mar...’ ‘Dat hiene wy wol troch,’ seit master, ‘se binne hjir goed útsliept. Stap mar yn, wy wurde hjir dochs net wizer.’ ‘Hwa wie dat?’ wol Tseard witte.

‘De assistint fan de professor. Dat seit er alteast. Hwa wit, hat hy de professor fannacht ek holpen,’ seit heit.

‘Hâld op!’ ropt mem, ‘dy fint by ús Tseard op 'e sliepkeamer!... ik moat der net oan tinke.’

Yn kafé Dorrelsma drinke se in kop kofje. Tseard en Yfke krije elts in fleske prik. Master bisiket by de kastlein mear gewaer to wurden oer de femylje Oegel, mar de man kin har net folle wizer meitsje.

‘Men sjocht dy lju net folle,’ seit er, ‘blykber hawwe se it tige drok mei útfinen.’

‘Syn assistint...’ freget Pakstra, ‘kenne jo dy bygelyks ek?’ ‘Dy lange fint?... Ja, dy hellet hjir jouns wolris in bierke,’ wit de kastlein har to fortellen. Der stiet noch gâns fan him yn 't boek. De professor bitellet wol, seit er altyd, mar it bliuwt by sizzen.’

‘Witte jo syn namme ek?’

‘Ik leau al dat ik dy opskreaun ha, mar dan sil ik even yn myn boek sjen moatte.’

De kastlein hellet in notysjeboekje út 'e kast, blêddet der yn en seit: ‘Van der Pikken, dat is syn namme.’

Pakstra skriuwt it op. ‘Ik sil it moarn fuort neigean litte,’ seit er, ‘as er ea hwat dien hat, stiet er wol yn it plysjeboek.’ ‘Witte wy dochs hwat,’ seit master, ‘en nou wol ik der fierder net oer prakkesearje. Hwer sille wy hinne?’ ‘De boarterstún,’ roppe Yfke en Tseard.

‘Ik wol graech nei hûs,’ seit Pakstra, ‘ik soe mei de frou foar iten noch in eintsje om.’

‘Dan earst mar wer nei Boskgea,’ ornearret heit. ‘Ik hie mem oars wolris mei Pakstra op 'e wip sjen wollen.’

‘Dan hâlde wy dat noch yn 't fet, hwat jo frou Anema,’ laket Pakstra. ‘Myn man is net wiis,’ anderet dy.

As se Pakstra thús brocht ha, wol masters juffer graech even by har hûs lâns. Men kin nea witte. As se de hoeke om komme riidt der krekt in bistelauto fuort.

‘Der efter oan,’ ropt master.

‘Ik wol nei hûs,’ ropt masters juffer. Gau litte se de beide froulju útstappe en heit en master, Yfke en Tseard sette de efterfolging yn.

‘Hat heit wol genôch benzine?’ ropt Tseard. Hy stiet binei op 'e bank. Hwat in aventûr!

‘Ik wit der neat fan. Sjogge jimme ek hwat?’

‘Se ride grif de kant fan Nesthuzen út,’ seit master.

‘Dat wit ik noch sa krekt net,’ anderet heit, ‘se sille ús wol op in dwaelspoar bringe wolle.’

‘Dêr riidt er,’ ropt Yfke, en se hat it by 't rjochte ein. Hiel yn 'e fierte sjogge se de bistelwein.

‘Dy fint riidt wol hûndert,’ ropt heit.

‘Heit kin wol hûnderttweintich.’ Tseard sit to springen op 'e bank. ‘Toe heit hurder!’

‘Ik wol net dea,’ is 't andert, ‘sjogge jimme him noch?’

‘Ja,’ ropt Yfke, dy't nei't it skynt goede eagen hat, ‘hy giet rjochts ôf.’

‘Hy stiet stil,’ ropt Tseard fuort dernei, ‘miskien is *syn* benzine wol op.’ Heit bliuwt ek stean. ‘Hwat sille wy?’ freget er. ‘Der hinne, of wachtsje oant se wer fuort ride?’ ‘Men wit nea hwat se wolle,’ anderet master, ‘se kinne wol in revolver ha. Wy moatte gjin risiko nimme.’

‘Dan mar wachtsje,’ is heit fan bitinken, ‘Yfke sjochstou hwat?’

‘Se stappe út, in man en in frou.’

‘Professor Oegel en de frou fansels,’ seit master, ‘binne der ek bern by?’

‘Né, ik sjoch se net. Dou Tseard?’

‘Se geane yn 't gers sitten,’ ropt Tseard, ‘sjochst wol!’ ‘Spitich dat myn eagen net sa goed mear binne,’ seit master, ‘ik sjoch de auto mar amper, lit stean fan dy lju.’ ‘Fan mines hoech ik ek net to swetsen,’ seit heit, ‘as ik myn bril net hie... Hawar, wy hawwe de bern by ús.’ ‘De man sil fiskje,’ seit Tseard, ‘sjochst wol Yfke?’ ‘Fiskje?’ Master skodhollet. ‘Dat sil dy wol misse,

Tseard jonge! It sil wol ien of oare mesjine wêze om ús to biloeren.'

'As wy op inoar wachtsje sille, sitte wy hjir fannacht noch,' seit heit. 'Sil ik jimme ris sizze hwat wy dogge? Jimme stappe út, jowe jimme hjir efkes del en ik riid der ris lâns. Dy lju kenne my net... ik siz gewoan dat wy fordwaeld binne en freegje har de wei. Underwilens kin ik moai ris sjen hwat hja dêr útheve.'

'Dat liket my skoan ta,' ornearret master. 'Kom jonges, wy geane hjir sa lang yn 't gers sitten.' Mar Tseard en Yfke bliuwe stean en hâlde master op 'e hichte mei hwat heit docht.

'Hy riidt der lâns.'

'Hy bliuwt stean.'

'Hy swaeit de auto.'

'Nou bliuwt er by dy lju stean.'

'En nou stapt er wer yn.'

Se kinne binei net sa lang wachtsje oant heit wer werom is. Dy stapt slop fan laitsjen út 'e auto.

'Kom mei,' is alles hwat er seit.

'Hwat sei de professor?' freget master tige nijsgjirrich. 'Ja, hwat sei er,' roppe Tseard en Yfke ek.

'Dat sille jimme wol hearre,' is't andert, 'stap mar yn.' Heit bliuwt deun efter de auto fan de professor stean. De professor en syn frou sitte mei de rêch nei har ta to fiskjen. It lykje alteast sa foar't each deagewoane angels. De fiskers sjogge op noch om.

'Hwat bitsjut dit?' freget master heit.

'Sjoch mar ris goed,' anderet dy.

Master lûkt oan de skouders. Hy snapt der neat fan. Dan

ropt Yfke: ‘It binne omke Douwe en muoike Martsje!!’ De fiskers smite de angels del en muoike ropt: ‘Hahaha, dêr seagen jimme my al foar de frou fan in professor oan. Hahaha, ik ha nea witten dat omke Douwe der sa geleard útsjocht.’

Tseard wit net, hoe't er it hat. Dat it professor Oegel en syn frou net binne, sjocht eltsenien wol, mar hwa binne it dan? Yfke fortelt it him. ‘Muoike Martsje is in suster fan ús heit.’

‘Mar hoe komme jimme yn 'e goedichheit hjirre,’ wol master witte.

‘By jimmes siet de doar ticht,’ anderet muoike. ‘Douwe hie dy mei ha wollen to fiskjen, mar nou moast ik wol mei.’ ‘En wy de dieven efternei,’ laket master.

‘Dêr bigryp ik nou wer neat fan,’ seit omke.

‘Dat fortel ik jimme aenst wol,’ anderet master, ‘wy moatte earst mar nei hûs, oars witte de memmen ek net hwer't wy bliuwe.’

‘Ride jimme earst mar fuort,’ bipraet omke, ‘wy wolle ek ris yn 'e efterfolging.’

XII Omke sil helpe.

De memmen stean foar 't rút. Se binne bliid ta dat se allegear wer soun en wol thús binne. De forhalen wurde nochris út 'e doeken dien en foaral omke freget har it himd fan 't gat oer de dieven en de fûgel. Muoike kin der net by dat *sa'n* fûgel in auto winne kin. ‘Ik haw ús parkyt leaver,’ seit se. Master glimket en Tseard en Yfke kinne har mar amper goed hâlde. Muoike moast ris witte hoe moai er juster wie.

‘Ik wol der ris hinne,’ seit omke dan. Se sjogge him allegear forheard oan.

‘Hwer hinne?’ wol muoike witte.

‘Nei dy professor.’

‘Hwannear?’

‘Nou, fuortdaliks’

‘Komst der dochs net yn,’ seit master, ‘se lieten plysje Pakstra ek op 'e stoepe stean.’

‘Ja mar,’ anderet omke, ‘ik gean ek net troch de foardoar. Ik wol de saek fan efteren ris bistrune.’

‘Yn dyn sneinske klean?’ beart muoike.

‘Der leit noch wol in âld broek yn 'e auto.’

‘Op snein yn dy âld broek!’ beart muoike wer.

‘'t Is ek nea goed,’ fûteret omke Douwe. ‘'t iene is to nij en 't oare to âld. Mar ik gean al.’

‘Meije wy mei?’ freget Tseard.

‘Né,’ anderet omke, ‘se kenne jimme en ha dan fuort yn 'e gaten dat it gjin suvere kofje is. Ik bitink wol in smoesje om der yn to kommen.’

‘Earst mar ite,’ tinkt masters juffer, ‘de dei is noch lang.’ Mar dêr wol omke neat fan witte.

‘Ik sit fol kofje,’ seit er, ‘ik hâld it wol in skoftsje út.’

It stiet Tseard mar min oan dat er mei heit en mem nei hûs moat om iten, mar masters juffer hat gjin rekken hâlden mei iters.

‘Jimme komme nei iten fuort mar wer,’ seit se.

Om twa ûre binne se dan ek allegaar wer presint op omke nei dan. Kaem er mar...! It duorret muoike ek lang genôch. ‘Se kinne him wol opsluten ha,’ ornearret se.

‘Dat falt hwat ta,’ anderet master. ‘Douwe is mânsk genôch, dy lit him net opslute.’ En dêr hat master gelyk oan hwant om trije ûre stapt omke soun en wol út syn auto.

‘Sa, dat is dat,’ seit er, en lit him noflik yn in stoel falle. ‘Nou earst in pantsje sop.’

Ek dat noch! En se hawwe al sa lang wachte. Mem Hoekstra bringt sop en komt dan ek noch - Yfke kin har wol forgrieme - mei pudding oansetten. Dy greate minsken! Mar einlings is omke dan dochs sa fier.

‘Ik bin fuort efterom riden,’ bigjint er. ‘Dêr hiene dy lju in hiele greate tún mei in heech stek der om hinne. It wie to heech foar my om der oer to klimmen...’

‘Hie my dan ek meinommen,’ ropt Tseard.

‘Ssstt,’ sizze de oaren.

‘...en ik moast dus wol troch de foardoar,’ giet omke fierder. ‘In lange fint die iepen...’ ‘Dy kenne wy,’ seit master, ‘kaemst der net yn fansels.’

‘Lit my nouris útprate,’ fûteret omke, ‘ik kaem der wol yn. Ik ha tige freonlik frege oft ik in fuotbal, dy't myn soan yn 'e tún skopt hie, der út helje mocht.’

‘En wy ha net iens in soan,’ seit muoike.

‘Dat kin dy man oan myn noas net sjen. Hawar, it mocht! Dy lange fint gie wol mei fansels. En hy mar sykje...! Wilens er socht haw ik de saek dêr ris goed opnommen.’
‘Wie de professor der ek?’ wol Tseard witte.
‘Dat wit ik net, mar ik haw wol praten heard. Der wiene lju yn in skuorke dat efter hûs stiet.’
‘Koest net sjen hwa't dêr wiene?’ freget master.
‘Né, oeral siet swart papier foar de ruten.’
‘Dat doocht fansels net,’ seit muoike, ‘hokfoar lju ha nou swart papier foar de ruten.’
‘Is dat alles?’ freget master.
‘Ja, wy koene fansels gjin bal fine en ik koe der gjin uren bliuwe. Dy lange fint frege myn adres en hy soe de bal stjûre as er him foun.’
‘Dus, ien mei oar witte wy noch neat,’ ornearret master. ‘Dit haw ik al,’ seit omke en smyt in kaei op 'e tafel. ‘Dit is de kaei fan de túndoar.’
‘De túndoar?!’
‘Ja, yn dat hege stek sit in doar. Dêrtroch kin men efterom komme. Hwa giet fannacht mei?’
‘Ikke,’ roppe Yfke en Tseard.
‘Jimme?’ seit masters juffer. ‘Lytse bern hearre nachts to sliepen. En soks is greatminskewurk.’
‘En 't is ek gefaerlik,’ seit frou Anema, ‘ik soe net graech mei wolle.’
‘Ik ek net,’ ropt muoike Martsje, ‘en Douwe kin ek net. Wy moatte aenst wer nei hûs.’
‘Dat hiest tocht,’ seit omke. ‘Ast' nei hûs wolste, sil ik dy aenst wol thúsbringe, mar dizze man is fannacht fan de partij, oars hjit ik gjin Douwe.’

‘Ik wit hwat,’ seit master dy't it bigreatet om Tseard en Yfke, ‘Douwe en ik geane togearre yn Douwe syn auto en Anema nimt de beide bern mei. Yn Nesthuzen sil ik wol op 'e bern passe en Anema en Douwe moatte de saek mar ris ûndersykje.’

‘Of bist bang,’ pleaget omke Douwe.

‘Heit is net bang,’ ropt Yfke, ‘heit is in skat.’

‘Hy bidjert jimme,’ suchtet masters juffer. ‘Muoike Martsje moat dan fannacht mar op Yfke har bêd sliepe, dan hoech ik ek gjin bêd op to meitsjen.’

‘Kinst my hjir ek wol sitte litte,’ seit muoike, ‘ik krij dochs gjin wink yn 'e eagen.’

‘Mei ik hjir ek komme?’ freget frou Anema, ‘ik doar net heal allinne to bliuwen.’ It mei!

Jouns om acht ûre sette se ôf. Earst ride omke en master fuort, fuort dêrnei Anema mei Tseard en Yfke.

De bern prate as alken. ‘Ik tocht dat jimme wol slûch wêze soene,’ seit heit.

‘Slûch!!’ ropt Tseard, ‘hwa is *nou* slûch!’

In pear huzen foar it hûs fan de Oegels bliuwe se stean. Master bliuwt by de bern en de twa oare manij u sille de saek ris ûndersykje.

‘As jimme hjir mei in healûre net wer binne,’ seit master, ‘gean ik nei de plysje. Stom, wy hiene Pakstra meinimme moatten.’

‘Dy hie my grif oppakt,’ laket omke Douwe, ‘ik ha ommers in kaei stellen.’

‘Kom nou mar mei,’ seit heit.

‘Foarsichtich hen!’ ropt master noch.

‘Tink dou mar om 'e bern,’ ropt omke werom.

Tseard fynt it in griis dat er net mei mei.

‘Is de healûre al om?’ freget er efkes letter.

Master laket. ‘Noch mar fiif menuten, jow dy noch mar even del.’ Deljaen... ja wis! Dat is maklik sein, mar hwa kin it?... Tseard net!

XIII It mantsje.

Wilens Tseard dat tinkt, bisykje de beide mannen de túndoar iepen to krijen. It wol mar min...

‘Lit my ek ris,’ seit Anema, ‘dou hast de goede draei net.’

‘Asjeblyft,’ seit omke en docht in stap fansiden.

‘We sille wol oer't stek klimme moatte.’

‘Sa lang ik der bin net,’ seit Anema en swaeit de doar iepen. ‘Hoe hast dat hawn?’ Omke sjocht Anema fol biwûndering oan. Dy laket. ‘De doar siet net op slot... sadwaende!’

Teantsjendewei sette se de tún yn.

‘Stroffelje net oer de fuotbal fan dyn soan,’ flústeret Anema. ‘Hahaha,’ laket omke Douwe. Se kinne it yn 'e hûs wol hearre. Se wurde der sels kjel fan en forskûlje har efter hwat beammeguod. Der bart neat... alles bliuwt tsjuster.

‘Se hawwe blykber gjin houn,’ flústeret omke Douwe, ‘dan wie ik gau fuort.’ ‘Al hearst him net, dêrom kin der wol ien wêze,’ pleaget Anema. ‘Lilke hounen blaffe net, dy bite fuort ta.’ ‘Ast' sa bigjinste, gean ik nei de bern, dan sil ik dêr wol op passe en moat master dy mar helpe.’ Anema hâldt him gau stil.

‘Dit moatte wy om,’ wiist omke. ‘Sjochst wol, dêr is't skuorke. Hwat wolste... earst nei it hûs of earst hjir ris sjen?’ Anema bisiket al om de doar fan 't skuorke iepen to meitsjen, mar dy sit wol op 't slot.

‘Sille wy in rútsje ynslaen?’ freget er.

‘Bist mâl, dêr komt de hiele femylje Oegel op ta.’

‘Dan traepje ik de doar yn.’

‘Dat hat dy man by dy ek net dien wol! Dy hat ek fat-

soenlik west. Hoe is er der eins ynkommen?'

'Dat is my ek in riedsel. De frou sil wol in mesjine útfoun ha om doarren iepen to meitsjen, oars kin it net.'

'Hiene wy mar sokke froulju,' suchtet omke, 'uzes litte ús mar piele.'

Anema giet in pear stappen tobek. 'Tink der om,' warskôget er, 'ik raem de doar.' Mei syn hiele twahûndert poun lit er him tsjin de doar oanfalle, it kreaket ôfgriislik. 'Noch ien kear,' seit er, 'dan is er iepen.' En hy hat gelyk. Nei de twadde kear hinget it hiele slot der by en is de doar los.

Se wachtsje fiif menuten en slûpe dan it skuorke yn. 'Sjochstou hwat?' freget omke. 'Neat,' is't andert, 'skuor dat papier ris foar de ruten wei.' Dat helpt. Yn't moanneljocht sjogge se allegearre greate mesjines stean. 'Hwat soene se dêr mei útspoekje?' flústeret omke.

Anema lûkt oan de skouders. Hy hat ek noch nea sokke mesjines sjoen. 'Der binne hjir gjin fûgels,' seit er, 'ik tocht dat dy man fûgels kweke.'

'Dit sil wol it wurk fan syn frou wêze, se moat wol tige geleard wêze, ik snap hjir alteast neat fan.'

'Sil ik ris op in knopke drukke?' Anema wiist op ien fan de hûnderten knopkes dy't rounom op de mesjines sitte.' 'Op in hiel lytskert dan,' seit omke, 'wy moatte de loft net yn.'

Anema siket it lytste knopke út dat er fine kin en drukt it súntsjes yn. Alles bliuwt stil en omke sil it krekt ek ris bisykje as der in doarke yn ien fan de mesjines iepen giet en in lyts mantsje nei bûten stapt. Nou... in mantsje ... in robotsje is't eins.

‘Hwat moat ik... hwat moat ik... hwat moat ik,’ freget er oan-ien-wei, mei in heech stimke.

‘Bek hâlde!!’ naest omke. Hy trillet der oer, sa kjel is er wurden. Anema stiet ek mei iepen mûle to sjen. It mantsje seit neat mear.

‘Toe,’ wiist omke, ‘wer yn dyn hok.’ It mantsje draeit him om en stapt wer yn 'e mesjine.

‘Hy docht it ek noch,’ stammeret omke, ‘man, it swit rint my by de rêch del. Ik druk net wer. Hwa wit hwat der dan út komt.’

‘Wy moatte earst mar nei master en de bern,’ ornearret Anema, ‘de healûre is binei om.’

‘Hwerom hat heit dat robotsje net meinommen?’ seit Tseard, as er alles heard hat, ‘ik woe him sa graech ris sjen.’ ‘Ik ek,’ suchtet Yfke.

‘En ik ek,’ seit master, ‘ik helje him.’

‘Dat kin net,’ seit Anema, ‘dan binne jo in dief. It is uzes net.’ ‘Dy lju sette by ús de boel ek op 'e kop,’ anderet master, ‘mei dat wol?’ Ear't de oaren hwat sizze kinne, is master al fuort.

‘Ik moat der mar efteroan,’ seit omke, ‘hy wit net iens hokfoar knopke it is.’

Efkes letter binne se mei it robotsje werom. “'t Is in merakel,’ ropt master al fan fierren, ‘hy docht alles hwat ik siz. Dat is hwat oars as de bern yn skoalle. Ik sei dêr: “Meitsje dy doar, en efkes letter koe nimmen mear sjen dat wy der west ha. 't Is in merakel.”

“Docht er ek hwat ik siz?” freget Yfke. Prebearje it ris,’ seit master, ‘mar moatst gjin gekke dingen sizze.’

‘Eh... eh... spring ris hiel heech.’ It mantsje docht

it fuort. Hy springt noch heger as de auto.

‘Hwat haw ik sein,’ seit master, ‘mar hwat dogge wy mei him?’ ‘Meinimme,’ ropt Tseard, ‘hy kin moarn moai myn sommen meitsje.’

‘Dan bring ik him fuort werom,’ seit master.

‘Dat sille jo dochs wol moatte,’ Anema wer, ‘as dy lju der efter komme dat wy him ha... hwa wit hwat foar gekke dingen der noch mear yn dy mesjine sitte.’

‘Ik wol him sa graech hâlde,’ seurt Yfke.

‘Ik wit hwat,’ seit omke. ‘Hwat dan?’ freegje se allegear. ‘Harkje mar.’

Omke nimt it robots je op 'e earm en seit: ‘Moatst nou gau nei hûs ta gean en mei in ûre moatst nei it hûs fan master Hoekstra yn Boskgea komme.’ Dan set er it mantsje del. Dat draeft fuort nei de tún fan de Oegels. ‘Nou as de wjerljocht nei hûs,’ seit omke, ‘en dan mar ôfwachtsje. As er net komt, hawwe wy him forspile en as er al komt, hawwe wy him alteast net stellen.’

‘Hwat knap,’ suchtet Tseard.

‘Hwa,’ laket omke, ‘ik of de robot?’

‘Allebeide,’ anderet Tseard.

XIV Frjemde bisite.

De memmen en muoike binne tige nijsgjirrich hokfoar bisite der aenst komt, mar nimmen wol it har sizze.

‘Wy binne der noch net wis fan,’ seit master.

‘Moat ik kofje sette,’ wol masters juffer witte.

‘Dat kinst fansels altyd dwaen, wy meije it ek wol en it is al by alven.’

‘Dan meije wy wol nei hûs,’ ornearret frou Anema.

‘Tseard moat syn sliep al ha.’ ‘Ik sliep dochs net,’ ropt dy. ‘Dat leau ik ek wol,’ seit master, ‘wy moatte mar oan tolve ûre ta wachtsje. As de bisite der dan noch net is, geane wy allegearre op bêd.’

Mar sa lang hoecht it lokkich net to duorjen. Om kertier foar tolven giet de doar iepen - hoe, is in riedsel - en stiet it robotsje op 'e drompel. Yfke hat him al op 'e skurte.

‘Wiest dêr al,’ seit se, ‘bist in skat.’

‘Yfke hat in feintsje,’ laket Tseard. Mar as Yfke seit: ‘Ik hoech dy nou net mear,’ kriget er in kaem fan komsa. ‘Hwat moatte wy dêr mei?’ freget masters juffer, ‘de gekheit wurdt hoe langer hoe greater. Earst in fûgel en nou in izeren fintsje. Wolle jimme dêr ek wer in auto mei winne?’

‘Mei er by my sliepe?’ freget Yfke.

‘Hoe doarste,’ seit masters juffer, ‘ik woe sa'n ien net neist my ha.’

‘Hast my leaver?’ laket master, ‘dat hear ik ek net faek.’ Tseard is suver hwat jaloersk op Yfke. Hy woe dat robotsje ek wol mei nei hûs ha. Yfke kriget him net mei op bêd. De manlju wolle earst ris prebearje hwat er allegear kin. Muoike Martsje mei earst hwat sizze.

‘Wy koene wol oan't pânforbarren wêze,’ laket se, ‘mar ik soe sizze, hy moat Yfke mar in tútsje jaen.’ It mantsje docht neat.

‘Se is him to jong, moatst tinke,’ laket omke, ‘hy tutet muoike Martsje leaver.’ Mar dat docht er likemin.

‘Né,’ seit master, ‘jimme sizze it net goed. Jimme moatte net sizze: ‘*Hy* moat dit of dat, jimme moatte sizze: ‘*Dou* moatst,’ of ‘*Jo* moatte, dan docht er it wol.’ En master hat gelyk. Muoike Martsje hat noch mar amper sein fan: ‘Jo moatte Yfke in tútsje jaen,’ of Yfke fielt al in kâld stikje izer tsjin har wang. Dat sil dan wol in robottút wêze.

Masters juffer lit him de keamer oprêdde, fan master moat er de stikkene klok meitsje en gean sa mar troch. Alles is yn in omsjoch klear.

‘’t Is in merakel,’ seit master nei alles hwat er docht.

‘Wy moatte der nou mar in punt efter sette,’ wol omke ha, ‘aenst is syn benzine op.’

‘Hahaha,’ laket Anema, ‘benzine... hwer hast it oer, dat is âlderwetsk. Soks giet mei atomen... hoe, wit ik ek net... mar sok spul is't al.’

‘Der sil moarn wol wer in advertinsje yn 'e krante stean,’ seit Tseard. ‘Robot weggelopen. Tegen grote beloning terug te bezorgen bij...’

‘Krij *ik* in goune,’ ropt Yfke, ‘moai sa!’

‘Mar ik bring him net werom,’ seit Tseard.

‘Miskien fynst wol in robotaei,’ pleaget omke Douwe.

‘Sille wy ris freegje, oft er in aei lizze wol?’

‘Hâld op,’ ropt masters juffer, ‘hwa wit hwat der út komt! Sa'n ding is gefaerlik,’ en se wiist op it robotsje.

Ja, oant nou ta ha se der wille mei hawn, mar 't is gjin boartersguod. ‘Ik set him yn 't fûgelhok op 'e souder,’ bislút master, ‘en nimmen mei sûnder myn tastimming nei boppen. Wy moatte moarn mar ris fierder sjen.’ Sa sein, sa dien.

Se geane allegearre nei hûs, mar nimmen kin dy nachts sliepe. As der al ien is dy't efkes yn 'e sliep falt, dreamt er fuort fan robots en dieven en wurdt dan kjel wer wekker.

XV Brune beantsjes.

De oare moarns is't earste dat Tseard Yfke freget: ‘Is er der noch?’ ‘Ja,’ knikt Yfke, mear kin se net sizze, hwant alle bern komme om har hinne to stean en freegje har de earen fan 'e holle oer de fûgel en de auto. Tseard is de held fan 't skoalleplein. Letter freegje se master oft se de fûgel sjen meije, mar dy skodhollet. ‘Letter,’ seit er, ‘it bist moat earst hwat bikomme fan alle drokte.’ Tseard mei de fûgel wol úttekenje op it boerd, mar hy wurdt net heal sa moai as sneon.

En nou wit nimmen noch fan de robot. Mar dêr meije se net oer prate. Earst de krante mar ris ôfwachtsje.

Masters juffer skodhollet as se út skoalle komme. Der stiet neat oer in robot yn 'e krante. Wol in stikje oer de fûgeltotoanstelling. ‘De vogel van Tseard Anema wint eerste prijs,’ stiet der mei greate letters boppe. ‘De tweede prijs was voor de vogel van prof. Oegel.’

‘Hwat sil de man lilk wêze,’ laket master, ‘en dochs woe ik wol ris witte hwerom dy man dy fûgel sa graech werom ha woe.’ ‘Nou,’ seit masters juffer, ‘as men sa lang oan't krusen is, is't bigreatlik as sa'n bist fuort fljocht.’

‘Miskien wie de professor wol bang dat in oar him fange soe,’ bitinkt Tseard. ‘Hy woe fansels de auto winne.’ ‘En hy hie net yn 'e rekken dat fûgels aeijen lizze,’ laket master, ‘ek gelearde minsken forsinne har noch wolris.’

‘Meije wy nou even nei him ta?’ freget Yfke. ‘Ja, mar ik gean mei, ik wol gjin ûngemakken ha.’ Masters juffer bliuwt mar leaver dêr't se is. Se hat neat mei dat frjemde mantsje op.

It robotsje stiet noch krekt sa as se him juster delset ha. Sa lang nimmen him oan't wurk set, bliuwt er wol rêstich.

‘Moat er net iten ha?’ freget Yfke.

‘Hahaha... in robot yt net,’ laket Tseard, ‘hy hat net iens in mûle.’

‘Hwat sille wy him ris freegje,’ seit master.

‘Oft er iten mei,’ seit Tseard, ‘dan wit Yfke it.’

‘Meist wol iten?’ freget Yfke fuort. It mantsje seit en docht neat. ‘Hy kin net ja of né sizze,’ seit master, ‘hy kin allinne mar hwat dwaen.’

‘Yt ris,’ seit Yfke nou.

‘Hy hat ommers neat to iten,’ seit Tseard, ‘hoe moat er dat dan ha?’

Mar it mantsje docht al hwat. Hy draeit oan in greate knop dy't him op 'e rêch sit.

‘Soe er stikken wêze?’ freget Yfke, ‘dit is dochs gjin iten?’ ‘Dat wit ik noch sa krekt net,’ ornearret master, ‘hy yt miskien sa. Miskien laedt er wol ien of oar apparaet op en kriget sa wer nije krêften.’

‘Dus Yfke,’ seit Tseard, ‘hy mei gjin brune beantsjes, dat witst nou.’

‘En dou bist eigenwiis, dat wit ik ek,’ is't andert. Dan ropt masters juffer: ‘Kom hjir ris... in brief út Nesthuzen.’ ‘Fan de professor,’ seit master. ‘Kom mei.’

En 't is sa. Afz. professor Oegel, Nesthuizen, stiet efter op it slúfke.

‘Geachte meester Hoekstra,’ lêst master.

‘Ik was zeer verbaasd u zaterdag op de vogeltentoon-

stelling te zien met uw vogel. Volgens mij was ik de enige die zo'n vogel bezat. Graag zou ik van u vernemen waar en hoe u de vogel verkregen hebt. Ook ben ik bereid hem van u te kopen. In afwachting van bericht verblijf ik,
Hoogachtend prof. Oegel.'

'Forkeapje him heit,' ropt Yfke, 'wy kinne der dochs neat mei.' Master heart it net. Hy stiet mei de finger tsjin 'e noas to prakkesearjen.

'Hwerom is dy man sa sljocht nei dy fûgel,' seit er.

'Hy wol fansels ek ien ha dy't sjonge kin,' tinkt Tseard. Der wurdt skille. It is plysje Pakstra.

'Sa,' seit er, 'ik tocht al, de skoalle sil wol út wêze. Ik hie niis krekt in telefoantsje krige út Amsterdam. Se hawwe dêr earst neigien oft der ek in Van der Pikken bistiet, mar dy namme is dêr ûnbikend. Se hawwe doe it misdiedigersboek opsocht, en sille my dat tastjûre. De foto's fan alle boeven steane der yn en ik moat sjen oft er dêr by is. Ha jimme oars noch nijs?'

'Né, neat nou jonges?'

Yfke en Tseard skodholje. Hwat kin dy heit lige. Pakstra moast ris witte, hwa't hjir op 'e souder sit.

'Wy hawwe allinne in útfanhûzer krige,' giet master fierder, 'mar dêr sille jo wol gjin bilang by ha.'

'Né,' laket Pakstra, 'dat binne jimme saken. As ik my dêr ek al mei bimuoije moast... Mar dan gean ik nou mar wer. Sa gau as ik it boek ha, kom ik wol.' Masters juffer lit Pakstra út.

‘Hwat moatte wy de professor skriuwe?’ wol master witte. ‘Sille wy freegje oft er hjir in joun komt, dan kinne wy ris prate.’

‘As er dy lange fint mar net meinimt,’ komt masters juffer, ‘sa'n boef út Amsterdam.’

‘Dat witst noch net,’ seit master, ‘miskien is't wol in deagoede fint,’ mar hy leaut it sels net.

Allegearre meiinoar skriuwe se in briefke oan de professor. Nou ja, master skriuwt, mar de oaren sizze hwat er skriuwe moat. As't briefke klear is stiet der:

> Achte professor,
> Graech soene wy wolle dat jo hjir ris in joun kamen to praten. Dan kinne wy it ris oer de fûgels ha. Wy hawwe de auto forkocht en kinne dus min by jo komme.
> Mei achtinge,
> master Hoekstra,
> Tseard en Yfke.

‘Hat jimme heit de auto al forkocht?’ freget Yfke Tseard. ‘Hy soe him fan 'e moarn fuortbringe,’ is't andert.

‘Spitich!’

‘Asjeblyft,’ seit master tsjin Tseard, ‘smyt dou de brief even op 'e bus. Moatst dochs nei hûs.’

As Tseard thúskomt leit der achttûzen goune op 'e tafel. Dat hat heit foar de auto krige.

‘Ik bin miljonair,’ ropt Tseard.

XVI It briefke fan de professor.

De oare moarns is der al in telegram fan de professor. Hy is fan doel tiisdeitojoun to kommen.

‘Dat is joun,’ seit Tseard, ‘mei ik ek komme?’

‘Jawis,’ anderet master, ‘en nim heit en mem ek mar mei.’

‘Ik wit hwat oars,’ seit masters juffer, ‘Tseard en syn heit komme hjirre en ik gean joun nei frou Anema. Ik haw it neat op dy man stean.’

‘Moat omke Douwe der ek by?’ freget Yfke, mar neffens master hat dy yn 'e wike gjin tiid. Hy wie fan doel om sneon wer to kommen.

Jouns om acht ûre skillet de professor oan. Hy is allinne. ‘Sa, nou moatte jo my fuort fortelle, hwer't jo dy fûgel wei ha.’

‘Gean earst mar ris efkes sitten,’ seit master en hâldt de professor in doas segaren foar, ‘ik woe jo earst freegje hwer't jo jou fûgel wei ha.’

‘Ikke,’ stammeret de professor, ‘dat witte jo dochs! Nei jierren fan ûndersyk en krusingen...’

‘Krekt,’ seit master, ‘sa binne wy der ek oan kommen.’ ‘Dat bistiet net,’ seit de professor, ‘dêr binne harsens foar nedich.’

‘Krekt,’ laket master, ‘dêrom kin dy fan ús ek sjonge! Ik bin tige muzikael!’

‘Hwer hawwe jo dy fûgelkennis opdien? Ik ha der jierren foar studearje moatten.’

‘Soks waeit my samar oan.’

‘Hoefolle moatte jo foar dy fûgel ha?’

‘Sinten hoech ik net,’ anderet master, ‘en Anema ek net. Wy hawwe de auto forkoft en kinne ús wol even rêdde.’

‘Mar oars haw ik net.’

‘Jo hawwe miskien ien of oare mesjine dy't wy brûke kinne.’

‘Dat is de ôfdieling fan de frou, dy giet oer de mesjines. Dêr haw ik gjin forstân fan.’

‘Hwat fynt jou frou al sa út?’ wol Anema witte.

‘Eh... eh... ja, dy mesjine dêr 't wy mei de bosk yn west ha... enne... enne...’

‘Hawwe jo wolris lêst fan dieven?’ freget master.

‘Dieven?... Hwat bidoele jo?’

‘Nou krekt hwat ik siz. Jo witte dochs wol hwat in dief is. Hjir hat fan sneon op sneintonacht al ien west en by Anema's ek.’

‘Né... by ús fan snein... op... né... ik wit fan gjin dief. By ús is ek neat to stellen.’

Master glimket. Dêr forpraette de professor him raer.

‘As ik útfine koe,’ forfettet master, ‘dan wist ik wol hwat ik útfoun.’

‘O ja,’ seit de professor, ‘hwat dan?’

‘In robot.’

De professor forblikt. ‘In robot?! Hoe dat sa?’

‘Och, dat liket my noflik ta.’ Hy kin de sommen fan de bern neisjen en al sa mear.’

‘Kin jou frou net ien foar ús útfine,’ freget Anema, ‘miskien dat wy dan ruilje kinne.’

‘Marre... mar...,’ stammeret de professor, ‘dêr sit jierren wurk yn. Dat is samar net klear. Dan kin de fûgel wol dea wêze.’

‘Ha jo ek net mear ien yn foarrie?’ master wer.

‘Né... net mear... ik jow leaver jild.’

‘Hwat hiene jo tocht, neam ris in bidrach.’

De professor lûkt de foarholle yn tearen en prakkesearret. ‘Fiifentweintich goune,’ seit er dan, ‘hoe liket dat?’

‘Hahaha,’ laitsje se allegearre, ‘fiifentweintich goune.’ ‘Is it tofolle? Dan wol ik wol hwat sakje.’

‘Nou moatte jo ris earlik sizze, professor,’ seit master, ‘hokfoar fûgel is moaijer, uzes of jowes.’

‘Dat hat de jury al útmakke,’ is't andert. ‘Mines is moaijer. Nou ja, dy fan jo kin sjonge... mar hwat makket dat út.’

‘Né,’ seit master, ‘dat makket ek neat út. Tseard kin sjonge en Yfke net, mar dêrom is Tseard noch net djûrder as Yfke. Mar, om op de fûgels werom to kommen, jo seine dat jou fûgel de djûrste op 'e hiele wrâld is, hwer skatte jo him op?’

‘Op in heal miljoen,’ anderet de professor.

‘Dan moat ik dat ek foar mines ha,’ bislút master. ‘Ik wol der in goune ôfdwaen yn forbân mei dy iene punt, mar fierder gean ik net.’

De professor kriget syn hoed en giet stean.

‘Dan falt der net mear oer to praten,’ seit er.

‘Jo sille der wol mear fan hearre. Dy fûgel sil ik ha. Goeijendei!’ En fuort is er.

‘Dat is dat,’ seit master, ‘ik bin tige binijd hwat se nou dwaen sille. De fûgel moat mar nei de souder, dêr moat de robot mar op passe.’

As Tseard en heit fuort sille, komt krekt Pakstra masters stekje yn. Hy hat in grou boek ûnder 'e earm.

‘Ik ha nijs,’ seit er, ‘kom noch even mei.’ Yn 'e keamer leit er it boek op 'e tafel en blêddet der yn.

‘Is hy dit of net?’ freget er en wiist op in foto.

‘Ja,’ roppe se allegearre, ‘dat is hy.’

‘Hwa is't?’ seit Yfke.

‘Harkje mar,’ anderet Pakstra, ‘it stiet der ûnder.’

> Jan Hogeveen, bijgenaamd Lange Janus, geboren 29 februari 1920 te Amsterdam.
> Gezocht wegens diefstal, oplichterij en verduistering. Op 25 juli ontsnapt uit de gevangenis te Leeuwarden, sindsdien spoorloos. Vermoedelijk in gezelschap van Hendrik Lageveen, bijgenaamd ‘de professor.’

‘Dat is Oegel,’ ropt master.

‘Ja,’ seit Pakstra, ‘dat woe ik jimme freegje. Der stiet wol in foto fan Lageveen yn 't boek, mar ik ken de professor net, dus kin ik it net sjen.’ Master skodhollet as er de foto sjocht. Dat is hy net. It liket der net op. En dochs komt er my bikend foar. Hwer haw ik dy man faker sjoen... Dus Pakstra, dy Hogeveen kinne jo ynrekkenje?...’

‘Né,’ seit Anema, ‘noch net dwaen. Dan forbalje wy de hiele saek. As't kin moatte wy it hiele saekje yn ien kear opromje. It is dêr grif gjin suvere kofje. Hwat se útspoekje wit ik net, mar folle goeds is't net.’

‘Soene se hjir fannacht net komme?’ seit Tseard. ‘De professor sei dochs dat er perfoarst de fûgel ha wol.’

‘Dat soe bêst kinne,’ ornearret master. ‘Wy moatte fannacht mar wacht hâlde. As jo hjir fannacht komme Anema en jo ek Pakstra...’

‘En ik ek,’ ropt Tseard.

‘Dan meist it wol even tsjin mem sizze,’ seit Anema. ‘Wy bliuwe hjir dan mar.’

‘Gean dan ek even by my thús oan,’ freget Pakstra, ‘as der in boadskip komt, kinne se my hjir fine.’

‘Giest mei Yfke?’ freget Tseard.

De memmen fûterje raer. ‘Aenst binne jimme siik,’ sizze se, ‘sliep krije jimme net mear.’

‘Mem tocht dochs al dat ik siik wie,’ seit Tseard, ‘der foroaret dus neat.’

Masters juffer sil fannacht mar by frou Anema bliuwe. ‘Ik ha skjin myn nocht,’ seit hja, ‘alle dagen is der wol hwat.’ ‘Forjit de nachten net,’ suchtet frou Anema.

XVII Hald de dief!

Dan bigjint it wachtsjen. Master, heit en Pakstra smoke om 't leven. Tseard en Yfke jowe inoar riedsels op. Hwat moat men oars yn 't tsjuster. Tsien ûre... alve ûre... tolve ûre... neat! Tseard gappet oanienwei. Master heart it en seit: ‘Ik leau, de bern moatte mar op bêd. Tseard kin wol op 't útfanhûzerskeammerke.’

It is Tseard wol goed. Hy kin de eagen mar amper iepen hâlde.

‘Jimme moatte ús al roppe as der hwat bart,’ seit Yfke, ‘oars gean ik net op bêd.’

‘Dat ûnthjit ik dy,’ seit master. ‘Wy moatte ek mar om bar in knipperke dwaen, oars falle wy hjir aenst meiinoar yn 'e sliep. Ik sil earst wol wacht hâlde. As ik myn nocht ha, rop ik Pakstra en dy kin Anema dan wer wekker meitsje.’

In healûre letter heart master immen om 't hûs rinnen. Op 'e teannen rint er nei it rút en sjocht nei bûten. Neat! Soed er him forsind ha? Moat er de oaren ek wekker meitsje? Noch mar even wachtsje. Hy heart ek neat mear... Miskien hat it wol in houn west. Dan fornimt er immen by de efterdoar. Né, nou forsint er him net.

‘Wekker wurde,’ flústeret er en skoddet Pakstra trochinoar. ‘Hè, hwatte...’ seit dy, ‘ik kom der oan Tryn.’ Master glimket. Pakstra tinkt grif dat er thús neist de frou op bêd leit. Anema is ek al wekker.

‘Der binne guods by de efterdoar,’ seit master, ‘hwat sille wy?’

‘Wachtsje,’ seit Pakstra, ‘sadré 't se de keamer ynkomme, nim ik se ûnder fjûr. Forhip,’ seit er dan, ‘nou haw ik myn revolver thús lizze litten.’

‘Ik haw al in pook,’ seit Anema, ‘en 't boksen haw ik noch net forleard.’

‘As der mar ien is, pakke wy him sa,’ seit master.

‘Miskien is't wol in robot,’ ornearret Anema.

‘Dan hied er al lang yn 'e hûs west,’ seit master.

‘Robots binne hjir net,’ seit Pakstra, ‘alteast net guods dy't ynbrekke.’ Hy moast alles ris witte.

Boppe makket Yfke Tseard wekker.

‘Ik hear de mannen,’ flústeret se, ‘der bart grif hwat.’

‘Se soene ús dochs roppe,’ seit Tseard en draeit him wer om. ‘Dat forjitte se grif. Kom ju, lûk de klean oan.’

Mei in sucht komt Tseard oerein. Hwat in geseur! Hy lei krekt sa lekker. Mar hy is op slach wekker as er master roppen heart: ‘Pak him!!... Anema, pak him!... Pakstra... hwer binne jo?’

‘Ik sjoch him net mear,’ ropt dy, ‘mar hy moat noch yn 'e hûs wêze, hwant ik stean yn 'e efterdoar.’

Yfke trillet der oer. ‘Hwat moatte wy?’ freget se Tseard.

‘Aenst komt dy man nei boppen ta.’

‘Kom mei,’ seit Tseard, ‘nei de souder! Wy moatte op 'e robot en de fûgel passe.’

Under is't stil. Hwat soe der barre?

‘Doarstou nei ûnderen ta?’ freget Yfke.

‘Doarre wol,’ swetst Tseard, ‘mar ik moat op 'e robot passe.’

‘Moatst hjir by my bliuwe hear!’ Yfke har stimke trillet der oer. Wie se mar by mem en frou Anema bleaun. Dan hearre se master sizzen: ‘En dochs moat er noch yn 'e hûs wêze.’

‘Se sykje noch,’ flústeret Yfke, ‘o, Tseard... doch

hwat.’ Tseard syn harsens draeije op folle toeren. Dan makket er it hok iepen dêr't de robot yn sit en seit: ‘Pak dou de dief ris. En net earder loslitte as dat wy him fêstboun ha.’ It mantsje draeft fuort by de trep del nei de sliepkeamer fan master. Dan hearre se immen hiel lûd roppen fan: ‘Help... au!... help...’

Allegearre stouwe se nei de sliepkeamer en hwat sjogge se dêr? It robotsje hâldt in man sa stiif fêst, hy kin gjin kant út. It is de assistint fan de professor! Lokkich hat Pakstra de hânboeijen net forgetten. Mei in tou wurdt er fierder fêstboun.

‘Lit him nou mar los,’ seit master tsjin it robotsje. ‘Wy kinne it nou allinne wol rêdde.’

Pakstra nimt de man mei nei ûnderen ta en set him dêr op in stoel del.

‘Sa,’ seit er, ‘dy ûntkomt ús net mear. Siz nou mar ris hwat jo hjir moasten.’ De man bliuwt stom.

‘Jo kamen net om kofje tink,’ seit master. De man lûkt oan de skouders.

‘As jo net prate wolle, stjûr ik jo fuort wer nei Ljouwert,’ driget Pakstra, ‘dêr stiet noch in keammerke leech foar in Hogeveen.’

Se kinne sjen dat de man kjel wurdt, mar hy seit noch neat.

‘Dus jo binne de dief,’ seit master.

‘Tink jo mar om jo sels,’ fjurret de man fan him ôf. ‘Jo hawwe ek in robot stellen.’

‘Dat mist jo folslein,’ anderet master, ‘dy is op eigen fuotten nei ús ta kommen. En soene jo my nou sizze wolle, hwat jimme dêr by dy Oegel útspoekje?’

‘Né,’ anderet de man, ‘nea.’

‘Bring him dan mar nei Ljouwert,’ seit master tsjin Pakstra, ‘hwa't net om lyk wol...’

‘En as ik al praet,’ wol de man witte, ‘litte jimme my dan frij?’

Se sjogge Pakstra oan. Dy is plysje, dy moat bislisse.

‘Né,’ skodhollet dy, ‘dat mei ik net dwaen. Mar it skeelt jo al yn jou straf.’

‘Dat smoesje ken ik,’ seit de man, ‘ik ha jimme faker heard. Nou dan praet ik net.’

Hwat moatte se nou?

‘We moatte de saek mar even oansjen,’ seit Pakstra, ‘ik stopje him earst mar yn 'e sel. Dêr kin er gjin kwea mear dwaen.’ Meiinoar bringe se him fuort. Op Tseard en Yfke nei dan, dy sliepe al wer.

XVIII Gelearde bisite.

‘En hwat wolle jimme nou?’ freget masters juffer as se moarns sitte to iten. ‘Jimme hawwe nou in fûgel, in robot en in dief... hwat wolle jimme noch mear?’

‘De fûgel hast gjin lêst fan, fan de robot hast allinne mar wille hawn en de dief sit yn 'e sel,’ anderet master, ‘hwat bieamelest eins?’

‘Yfke is skjin to'n ein,’ giet masters juffer fierder, ‘en Tseard ek. Der moat in ein oan komme... oars gean ik fuort.’

‘Hen... hwat seist dêr?’ freget master.

‘Krekt hwat ik sei. As de fûgel en de robot fan 'e wike de doar net út binne, gean ik nei ús mem. Nou moatst it sels mar witte. Ik haw sein!’

‘Just,’ anderet master. Hwat moat er oars sizze en hwat moat er dwaen... ‘Ik skilje Douwe,’ seit er dan, ‘dy hat noch wolris in snoade set. Dy moat mar sizze, hwat nou barre moat. Ik wit it net mear.’

As se om healwei fjouweren út skoalle komme, sit omke Douwe al noflik yn master syn stoel. Mei in segaer en mei in bakje thé.

‘Ik hie noch in pear snipperdagen,’ fortelt er, ‘ik kin de hiele wike bliuwe.’

‘Ek dat noch,’ suchtet masters juffer.

‘Sil ik mar wer nei hûs,’ seit omke, ‘as ik net wolkom bin...’

‘Sa bidoel ik it net,’ anderet masters juffer, ‘dat witst wol, mar ik woe sa graech wer in gewoane húshâlding ha.’ ‘Nije wike is alles wer by 't âlde, dat ûnthjit ik dy, mar dan moatst dy dizze pear dagen ek stilhâlde.’

‘Dou kinst mei froulju omgean,’ seit master, en slacht

omke op 't skouder.

‘Rop dat mar net to lûd,’ laket omke, ‘hiest Martsje ris hearre moatten doe't ik sei dat ik hjir in pear dagen hinne gie...’

‘Woe se net mei?’ freget masters juffer.

‘Dou hast al genôch oan ien útfanhûzer,’ pleaget omke. Masters juffer rint nei de koken. Tsjin omke kin se net op. ‘En hwerom hiene jimme sa'n forlet fan my? Swets ris op!’

Master fortelt hwat se bilibbe ha en it muoit omke tige dat er der fannacht net by west hat. Dan seit er: ‘Stil ris even... dy Lageveen... hiest dy earder sjoen?’

‘Ja,’ anderet master, ‘mar ik wit net hwer. Ik ha my al gek prakkesearre, mar ik kin der net op komme. En dochs haw ik him faker sjoen...’

‘Hast dat boek hjir noch?’

‘Né, dat hat Pakstra wer meinommen."

‘Soene wy dat net even helje kinne?’

‘Jawis wol, as er it alteast noch net weromstjûrd hat. Fyts dou ris even nei Pakstra, Tseard.’ Yn in omsjoch is Tseard werom. Hy hat it boek ûnder 'e earm. Master siket de foto fan Lageveen wer op en omke bistudearret de kyk in skoft. Hy hat de man nea earder sjoen. Dan ropt Yfke: ‘Ik wit it! Ik wit it! It is de man fan de krante.’

‘Hokfoar krante?’ freget master.

‘Nou, heit wit wol, dy't hjir kaem om Tseard hwat to freegjen.’

‘Lit my nochris sjen,’ seit master. ‘Hast gelyk, dy is't. Dus dat wie hielendal gjin kranteman... hwat in gelok

dat wy him neat sein ha.'

'Dy siet fansels boppe efter 't gerdyn doe't wy dêr west ha,' ropt Tseard, 'jimme witte wol, dy kat.'

'Sa,' seit omke, 'wy sjitte op. Der binne al twa ûntmaskere. Nou de professor noch... as er alteast professor is.'

'Syn frou grif,' seit master, 'in gewoan minske kin net sokke mesjines útfine. Mar hwat dogge wy nou?'

'Sjen dat wy dy Lageveen ek yn 'e sel krije,' seit omke, 'of sille wy earst de professor hjir noch ris helje? Dy moat prate, oft er wol of net.'

Se skriuwe wer in brief en freegje oft de professor nochris komme wol om oer de fûgel to praten. Hy moat, as it kin, de frou meinimme. De hear en mefrou Oegel komme de oare joune yn 'e bistelwein.

'Hat jimme assistint jimme brocht?' freget omke mei in ûnnoazel gesicht. De professor forblikt net. 'Né,' seit er, 'dy is der op 't heden net. Hy is al in pear dagen fuort.'

'Soa,' seit omke, 'nei Amsterdam tink?'

'Dat wit ik net. Witstou it frou?'

Dy lûkt oan de skouders. 'Om my bliuwt er wei,' seit se, 'ik mei dy man net lije al is't noch sa.'

'Kinne wy de fûgel keapje?' freget de professor.

'Dêr prate wy aenst oer,' seit omke, 'oare dingen binne wichtiger.'

'Foar my net, ik libje foar fûgels.'

Mient er dat nou, tinkt master. Dan nimt mefrou Oegel it wurd.

'Myn man sei dat jimme wol in robot ha woene. Ik hie

it eins geheim hâlde wollen, mar ik haw alris ien makke.' 'O ja?' sizze de oaren, oft se nearne fan ôf witte.

'Ja, mar dat ding bin ik al in pear dagen kwyt.'

'Ek nei Amsterdam tink,' seit master.

'Krekt, dêr bin ik nou sa bang foar.'

'Hwerfoar?' freegje se tagelyk.

'Dat dy assistint fan myn man him stellen hat. Ik sei al dat ik dy man net fortrou. Ik bin nou wer mei ien dwaende, mar it kin wol in pear jier duorje, ear't ik him klear ha.'

'En dy fûgelsykmesjine hiene jo yn ien dei klear,' seit Tseard.

'Ja,' laket mefrou Oegel, 'mar dat is ek mar in wissewasje... in robot is hiel hwat oars.'

'Kin dy robot dy't jo makke ha alles?' wol omke witte.

'Nou alles... mar wol in protte.'

'Kin er ek bisûndere fûgels meitsje?'

'Jawis wol,' anderet mefrou Oegel, 'dat haw ik ek al tsjin myn man sein, mar dêr wol er neat fan witte.'

'Hwerom net?' freget Yfke.

'Nou ja,' anderet de professor, 'myn frou kin al sa'n soad. As se nou myn fûgels ek noch meitsje sil, hwat bliuwt der dan foar my oer. Né, dat doch ik sels.'

'En hy kin it,' seit mefrou Oegel, 'wie de fûgel fan de totoanstelling net moai? Nou ja master, ik hoech jo neat to fortellen. Jo witte sels hoefolle wurk der yn sit.'

'Ja,' knikt master, ''t is ôfgriislik.'

'En dat sjongen,' suchtet de professor, 'hwat moatte jo dêr foar ha?'

Master sjocht mefrou Oegel ris oan.

‘Dus jo hawwe gjin robot to ruiljen?’ freget er.

‘De earste twa jier net of dy oare moast werom komme, mar dat sil wol net.’ Se suchtet ris. ‘Al dat wurk foar neat.’

Master sjocht omke ris oan en omke master. Se kinne der net by. Binne dit nou earlike lju of net.

‘Hoefolle assistinten hawwe jo?’ freget master.

‘Twa,’ anderet de professor. ‘Der is gâns wurk mei al dy fûgels.’

‘En hawwe jo dêr bêste helpen oan?’

‘Och dat giet sahwat. Ik kin der net fan swetse, mar hwer hellet men yn dizze tiid oaren wei?’

‘Hoe binne jo oan harren kommen?’

De professor forliest syn geduld. ‘Hwer sit ik hjir eins foar,’ ropt er, ‘foar myn assistinten of foar de fûgel? Ik forgriem myn tiid, ik hie wol wer in fûgel kweekje kinnen.’ ‘En ik hie de tekening fan de robot wol meitsje kinnen,’ seit mefrou Oegel, ‘mar och, dêr tinke gewoane lju net om.’

‘Ik moat oars ek noch tweintich skriften neisjen,’ seit master, ‘mar alles op syn tiid.’

‘Witte jimme wol dat jimme assistinten socht wurde troch de plysje,’ freget omke Douwe.

‘Tr. tr. troch de plysje,’ stammeret de professor, ‘hwat hawwe se dien?’

‘Haw ik it dy net sein,’ seit mefrou Oegel. ‘Myn man hat se krige op in advertinsje, mar ik mocht se fuort net lije. En dat haw ik dy ek sein,’ smyt se har man foar de fuotten.

‘Och frouljuspraet,’ anderet dy, ‘as ik my dêr altyd

oan steure moast!’

‘Nou sjochst it, hwa hat gelyk krige?’

‘Witte jo dat hjir, en by Anema's fan sneon op snein ynbrutsen is?’ freget master nou rjocht op de man ôf.

‘Ynbrutsen?...’ seit de professor.

‘Ynbrutsen?...’ seit ek syn frou. ‘Né, dêr witte wy neat fan. En tochten jo dat de assistinten...’

‘Dêr binne wy net wis fan,’ anderet master, ‘mar se binne yn 'e hûs kommen sûnder hwat to fornielen.’

‘Dan hawwe se de robot brûkt,’ seit mefrou Oegel, ‘dat moat hast wol.’

‘Kin eltsenien by de robot?’ wol omke Douwe nou witte.

‘Och ja, yn dy dingen bin ik hwat sleau. Ik forjit altyd om alles ôf to sluten, en as ik it al doch, lit ik de kaei wol earne lizze.’

‘Hwat hawwe dy mannen hjir socht?’ freget master de professor.

‘Ik tink fan de fûgel,’ seit dy, ‘nou't se mines net krije koene, hawwe se fansels bisocht om mei jowes út to naeijen.’

‘Hwerom hawwe se jowes dan net stellen?’ freget Tseard, ‘dat wie dochs folle nofliker as om hjir hielendal hinne.’

‘Ik bin yn dy dingen oars as myn frou,’ seit de professor, ‘nimmen kin by myn fûgels komme.’

‘Hwer wiene jo sneintomoarn?’ freget omke.

‘Sneintomoarn? Hoe let?’

‘Snein hawwe wy nei myn âldelju west,’ fortelt mefrou Oegel. ‘Jo hawwe miskien wolris fan har heard. Se binne ek beide professor. Wy hiene de bern mei.’

‘Ek oansteande professors tink?’ freget master.

‘Myn soan wol iiswafelman wurde,’ laket mefrou Oegel, ‘dus mar ôfwachtsje.’

‘Dus wy hawwe twa boeven yn 'e hûs,’ seit de professor, ‘moai is dat.’

‘Noch mar ien,’ anderet syn frou.

‘Dy oare sil ek wol wer komme, ik bitelje in goed lean. Dat kriget er nearne oars.’

‘As er de robot forkeapet is er ryk,’ seit mefrou Oegel, ‘dy smjunt.’

‘Dan sil ik jimme even hwat sjen litte,’ ûnthjit master en fljocht de treppen op. Efkes letter komt er mei de robot op 'e earm de keamer wer yn. ‘Asjeblyft,’ seit er tsjin mefrou Oegel, ‘it mantsje is fan jo dus moatte jo him wer ha,’ en hy fortelt hoe't se der oan kommen binne. Mefrou Oegel moat laitsje as se alles heard hat. ‘Lokkich dat jimme net op in greatere knop drukt ha,’ seit se, ‘dan hiene jimme hwat oars bilibbe.’

‘Hwat dan?’ freget Tseard fuort.

‘Jimme komme mar ris,’ seit mefrou Oegel, ‘dan sil ik jimme wolris hwat sjen litte.’

‘Snein?’

‘Snein... ôfpraet!’

‘Dus dan hat myn assistint net stellen,’ seit de professor tsjin syn frou, ‘sjochst wol.’

‘De iene assistint sit efter slot en grindel,’ fortelt master, ‘nou moatte jimme noch helpe de oare to pakken.’

‘Dat is bernewurk nou't ik de robot wer ha,’ seit mefrou Oegel.

‘Ja,’ seit master, ‘dêr witte wy alles fan.’

XIX In gewoane hushalding.

De plysje út Ljouwert hat de beide boeven ophelle. Hogeveen út 'e sel fan Boskgea, Lageveen by de femylje Oegel. Fuort doe't mefrou Oegel thúskaem, hat se sein: ‘Pak Lageveen en lit him net earder los as dat de plysje hjir is.’

Lageveen koe noch sa skoppe en raze, it robotsje liet net los. Yn Ljouwert binne se bliid ta, dat de beide boeven wer efter slot en grindel sitte. Plysje Pakstra dijde út, doe't syn baes sei: ‘Bêst wurk Pakstra, hjir sille jo mear fan hearre.’ Soks komt him net alle dagen oer.

En nou is't snein en sille se to kofjedrinken nei de femylje Oegel. Se... dat binne master en de frou en Yfke, Anema en de frou en Tseard, en omke Douwe mei muoike Martsje. Plysje Pakstra hat tsjinst en kin net mei.

Professor Oegel hat har ophelle mei de bistelauto. It earste dat er seit, is: ‘En nou wit ik noch net hoe't jo oan sa'n fûgel komme.’

‘Dêr sille wy it aenst fuort oer ha,’ anderet master.

‘Jo kinne it my ûnder it riden wei wol sizze.’

‘Né, ûnder kofjedrinken, dat liket my better ta.’

Se binne noch mar amper yn 'e hûs of de professor ropt: ‘Frou kofje ynjitte... earder praet master net.’

Mefrou Oegel set in greate kofjesetmesjine op 'e tafel en sûnder dat se hoecht yn to jitten, se drukt allinne op in knopke, steane der acht kopkes fol. De bern krije ranje, út in oare mesjine.

‘Tseard, kom hjir ris,’ seit master, ‘fortel dou nou ris aan de professor hoe't wy oan de fûgel kommen binne.’ ‘Ikke?’ seit Tseard, ‘dat kin master dochs wol dwaen.’ ‘Né, dêr learst fan. Gean mar boppe op in stoel stean

en set út ein.’

Toe dan mar! De professor is slop fan laitsjen as Tseard útpraet is. ‘Ik yn al myn boeken neigean, hwer't sa'n fûgel weikomme kin en nou docht bliken dat er gewoan út in aei krùpt is... hahaha!’

‘Mar wy witte noch net alles,’ seit syn frou. ‘Hoe kaem dy fûgel sa moai! Hy is fansels brún út it aei kommen en de robot hiene jimme doe noch net.’

‘Ik kom út in ferversfemylje, sadwaende,’ seit master en stekt de tomme efter it festje.

‘Se hawwe ek opskeppers yn 'e femylje,’ seit omke Douwe, ‘dat fornim ik ek alle dagen oan Martsje.’

‘Held,’ seit muoike, ‘nou doarste hen, nou't der oaren by binne.’

‘Sille wy nou nei de mesjines,’ freget Tseard, ‘ik wol sa graech witte hwat der noch mear yn sit.’

‘Efkes wachtsje,’ seit masters juffer, ‘ik haw ek noch hwat to sizzen.’

‘Dan ek mar op 'e stoel,’ ornearret master, mar dat hoecht net neffens syn frou. Se kinne it sa ek wol hearre. ‘Achte oanwêzigen.’

‘Toe mar,’ seit master, ‘likest de boargemaster wol.’

‘Stil!’ anderet masters juffer, ‘as greate minsken oan't wurd binne...’

‘Dy sit,’ laket omke Douwe.

‘Achte oanwêzigen. Nou't wy hjir sa noflik byinoar sitte, haw ik ek noch hwat to sizzen. Wy ha in nuvere wike hawn en it liket der op dat alles wer in bytsje yn syn gewoane dwaen komt. Allinne dit,’ en se hellet in skuondoaze út har tas, ‘moat ik noch kwyt. De fûgel is eins

fan de professor en ik wol him net ha. Hwat der mei de sinten fan de auto barre moat, moat de professor mar sizze. Dêr hawwe wy eins ek gjin rjocht op.'

'Lit mar sitte... lit mar sitte,' ropt dy, 'as ik de fûgel mar ha.'

'Ja mar, hy is brún...' stammeret masters juffer, 'Yfke hat him skjin makke.'

'Dat hinderet neat,' ropt de professor, 'de kleuren, dêr rêd ik my wol mei. It giet my mear om it sjongen.' Hy pakt de doaze en sil de keamer út.

'Hou ris,' seit master, 'mei ik jo noch ien ding freegje?' 'Gau dan,' is't andert, 'ik bin al sa'n tiid kwyt.'

'Fervje jo wolris?' Hwat in nuvere fraech, tinke se allegearre. De professor kriget in kaem.

'F f f fervje??' freget er.

'Ja,' seit master, 'mei in kwast.'

Dan moat it hege wurd der wol út.

'Ik hie myn fûgel ek opferve.'

Se laitsje allegear op mefrou Oegel nei.

'Hoe krigest dat yn 'e holle,' fúteret hja, 'en tsjin my mar swetse, datst' him kweke hieste. Hwerom hast dat dien?'

'Ik woe ek ris hwat bisûnders meitsje,' is't andert. 'Dou kinst alles,' en fuort is er.

'Soene je sa'n man net,' seit mefrou Oegel.

'Hwat jowt dat nou!'

'Hoe wist master it eins,' freget Tseard.

'Ja... dat is myn geheim.'

'Dat is net earlik,' seit masters juffer, 'wy ha allegear praet, nou dou ek.'

Master stiet al. ‘Ik waerd al erchtinkend yn 'e bosk,’ seit er. Doe't de professor de fûgel út it net helle, krige er ferve oan 'e hannen. It bist hat doe grif noch net hielendal droech west. Ik tocht, hwat de professor kin, kin ik ek, en sa bin ik ek bigoun to fervjen.’

‘Mar ik haw him ek beet hawn,’ seit Tseard, ‘dan hie ik ek ferve oan 'e hannen ha moatten.’

‘Mar dou hiest al ferve yn dyn bloeske,’ seit syn mem. ‘Ik ha noch frege, hoe't dat kaem.’

‘Dus de professor hat syn priis ek net earlik krige,’ bislút Yfke.

‘Och dat wit ik net,’ anderet master. ‘It bliuwe bisûndere fûgels.’

Se litte it fierder mar sa.

‘As jimme nou meigeane nei 't skuorke,’ giet mefrou Oegel fierder, ‘dêr haw ik noch in forrassing foar jimme.’ Tige binijd rinne se efter mefrou Oegel oan. It ljocht barnt nou yn 't skuorke en se kinne goed sjen hoefolle mesjines dêr steane.

‘'t Is in merakel,’ biwûnderet master.

‘Tseard mei earst op dit knopke drukke,’ seit mefrou Oegel. ‘Hoechst net bang to wêzen. Der komme gjin gefaerlike dingen út.’ In robotsje sa great as in lúsjefersdoaske komt út 'e mesjine. ‘Dy is foar dy as oantinken. It is eins in wekker. Ast' jouns tsjin him seiste hoe let as er dy wekker meitsje moat, docht er it. Us bern ha ek sokke.’

‘Hwer binne jimme bern,’ wol Yfke witte.

‘Yn 'e studearkeamer sa as altyd. Boartsjen fine se neat oan.’

Yfke kriget in pop dy't prate en rinne kin. Op alles hwat Yfke har freget, jowt se andert.

‘Oooh...’ ropt Yfke, ‘dit haw ik noch leaver as de robot.’ ‘Dat tocht ik wol,’ laket mefrou Oegel.

De froulju krije alle trije in kofjesetapparaet. Se binne der tige wiis mei. Soks hat eltsenien net. Hwat sille de buorlju wol sizze.

Master kriget in mesjine dy't skriften neisjen kin en fuort sifers op 'e sommen jowt.

‘Sa'n ding hoech ik fansels net,’ seit Anema, ‘mar as jo hwat oars ha?’

It wurdt in bromfyts dy't sûnder benzine rinne wol.

‘Moai sa,’ laket Anema, ‘hoech ik net mear to traepjen.’ ‘Bist aenst trijehûndert poun,’ suchtet syn frou, ‘hiest better in autoped ha kinnen.’

‘En nou ik noch,’ ropt omke Douwe.

‘Och ja, jo binne der ek noch,’ seit mefrou Oegel.

‘Sil ik mar op alle oare knopkes drukke?’ freget omke, ‘ik ha't faker dien.’

‘Dat soe ik mar net dwaen,’ seit mefrou Oegel, ‘jimme meije letter noch wolris komme as ik mei al dy oare dingen klear bin. It is nou noch geheim.’

‘Krij ik dan neat?’ gûlt omke sabeare.

‘Ja, hjir haw ik hwat foar jo.’ Mefrou Oegel jowt omke in roun pak. Gau skuort er it papier der ôf.

‘In fuotbal,’ seit er dan. ‘Ja, dy is fan jou soan. Wy founen him yn 'e tún.’

‘Hahaha,’ laitsje se allegearre. Omke sjocht frijhwat sneu. Mar alles is wer goed as er ek noch in angel kriget dêr't er sûnder ies mei fiskje kin.

‘It liket wol Sinteklaes,’ suchtet Yfke, ‘ik woe dat wy nije wike wer soks bilibben.’
‘Gau nei hûs,’ seit har mem, ‘jow my mar in gewoane húshâlding.’